


HÂNSUME HELP

Alle teksten, presintaasje en ferbiningsteksten, folút



seis dielen:

- 1. nije Gemeenten*
- 2. nije leden, wetterbad, tafel*
- 3. hieling, bycht, arbeid, boask*
- 4. diakonaat, episkopaat, ferkundiging*
- 5. evangeelje yn fraach en antwurd*
- 6. de wike giet iepen*

**Diel 1:
nije Gemeenten, nij ferbân**

Paul Hekstra
p.hekstra@hetnet.nl

HÂNSUME HELP

by it tsjerklike libben

Protestantsk

Foarming fan nije Gemeenten

besteladres: Keizerskroan 134, 8935 LZ Ljouwert.

tillefoan: 058 - 288 3450.

e-post: p.hekstra@hetnet.nl

postgiro: 228 5738

Digitale levering oer de epost

SKAAIMERK

FAN IT PROJEKT "HÂNSUME HELP":

Alle teksten, ek ferbinings- en presintaasjeteksten, binne hjir foar net-Frysktalige foargongers folút úttypt; se kinne samar oplêzen wurde.

It projekt Hânsume Help is ûntstien út de kursussen Frysk foar Net-Fryske dûmnys fan KFS, FFF en YKFE troch Afûk-dosint Ir Jan Postma fan Ljouwert. Nei syn dea yn 2004 útwreide mei mear ûnderdielen fan tsjerklik libben.

SKOPUS

FAN IT PROJEKT "HÂNSUME HELP":

Plakken fan heil kinne fermeardere wurde.

Libbene sellen kinne harsels opspjalte.

Bepaal sels it profyl fan de nije fêstiging.

OANLIEDINGEN

OM NIJE GEMEENTEN OP TE RJOCHTSJEN YN BESTEANDE GEMEENTEN

DOEL FAN IT PROJEKT "NIJE GEMEENTEN" is tredderlei:

1. Dat hieltyd mear minsken hieltyd mear tank bringe wolle oan God,
omdat se fan har ellinde ôfskied nimme kinne
en har ynfoegje yn fermiddens fan ljochtfersprieders
(2 Korintiërs 4:15)
2. Dat dy groeiende kloften fan tankbringers plak krije sille
om it op har eigen manieren te dwaan;
yn de praktyk betsjut dat: mear Gemeenten oprjochtsje.
3. Dat twa jier neidat men mei it wurkjen dêroan begûn is,
ien of mear nije Gemeenten ûntsteane
neist in bloeiende Memmegemeente.

As der twa of mear nije Gemeenten neist de Memmegemeente binne,
sille dy meiïnoar ien loop jiers in publisearre earetsjinst belizze
mei in sosjale aktiviteit dêrnei, mei alle oanwêzigen,
ûnder wa ek persoanen en organisaasjes fan bûten de Tsjerke,
dy't belangstelling toand ha en útnoege binne.
Dêr wurde dan gjin besluten naam.
Yn gewoane gearkomsten kinne besluten naam wurde.

OANLIEDINGEN

OM NIJE GEMEENTENOP TE RJOCHTSJEN

YN BESTEANDE GEMEENTEN

Tekst fan it referaat foar it Ferbân fan Fryske Foargongers, 15febrewaris 2012:

Bêste taharkers/lêzers,

It giet my hjoed om de fraach: Kinne besteande denominaasjes yn har eigen fermidden nije Gemeenten oprjochtsje? Dêrby tink ik oan Ingelsktalige Gemeenten foar ymmigranten, lykas foarhinne de Waalske Gemeenten wiene foar lju út Frânsktalige lannen. Of Frysktalige Gemeenten foar Friezen. Of Gemeenten fan bepaalde modaliteiten lofts en rjochts fan it brede midden fan de besteande Gemeenten. Of Gemeenten fan dissidinte kultuerlagen. Of Gemeenten fan allinnich jeugd, op betingst, dat se ek sels wer nije jeugdgemeenten oprjochtsje, wannear't se tsien jier âlder wurden binne en dus sels gjin jeugdgemeenten mear binne.

Kinne de besteande denominaasjes dat? En wolle de âldere leden dat? Wêrom soene se dat neffens my dwaan moatte? En wêrom leaver yn in plurale setting as yn in plurifoarme setting?

As jim der aardichheid oan hawwe, soe ik graach wolle, dat wy hjir ris min of mear searicus in breinstoarm oer hâlden yn FFF-fermidden, miskien yn dizze of yn in oare gearkomste. En dat op ús jubiléumgearkomste yn novimber 2013 it startsinjaar jûn wurde kin foar in oantal Frysktalige of meartalige nije Gemeenten, fansels yn de mande mei it platfoarm "Krúspunt" en tsjerklike organen. De fraach is fansels, oft jim as leden soks wolle. Mar dat hear ik noch graach ris nei dit referaat.

No myn foarbyld. It is in fiktyf (dat is: optocht) gefal, mar net sûnder grûn yn de werklikheid. Oer de fiktive federative Gemeente "Seispoartelim". Yn 2001 en 2011. De namme, jiertallen en sifers meie jim ferfange troch dy fan jim eigen Gemeente, want mear wearde ha se net.

I. DE SITEWAASJE A.D. 2001.

1. De federative Gemeente "Seispoartelim" (Troch seis poarten op wei nei Jeruselim) is yn 2001 ûntstien út seis denominaasjes yn tsien doarpen. Jim meie ek tinke oan tsien stedswiken, lykas se yn de gruttere stêden yn Fryslân werklik foarkomme.

Ik jou no wat sifers; dy meie jim foar jim eigen Gemeenten feroarje. It giet om in globale yndruk. It giet om ynwennertal, tsjerkeleden en ledegedrach.

A. De tsien doarpen/stedswiken: oantal ynwenners: meiïnoar 11.000.

B. De Gemeenten: 6 Herfoarme, 5 Grifformearde, 2 Menniste, 1 Baptiste, 1 Remonstrantske en 1 Luterske Gemeente(n); dat is meiïnoar 16 Gemeenten. Neist de federative tsjerkeried hat elke denominaasje in eigen tsjerkeried. De Herfoarme en Grifformearde binne meiïnoar op wei yn 3 kloften ("clusters"). Der binne frijwat leden lid fan in modaliteitsorganisaasje: fan VVP, NPB, CGB, Griff. Bûn en wat lytse rûntsjes.

Yn it grutste doarp steane noch fjouwer oare tsjerkegebouwen: de parochytsjerke kwynt wei; de Frijmakke en Kristlike Grifformearde Tsjerken en de Pinkstergemeente ha faak doop- en troutsjinsten.

C. De gebouwen: alle Gemeenten hawwe in eigen gebou, dus 16 gebouwen. De lytse denominaasjes brûke har gebou elke wike foar earetsjinsten en oare tsjerklike aktiviteiten. De De Herfoarme en Grifformearde brûke meiïnoar 3 gebouwen alle dagen en de oare acht gebouwen by toerbeurt allinnich op sneinen.

D. De earetsjinsten: Alle Gemeenten fan de federaasje hawwe meiïnoar trije prekers beroppen, dy't "brêgebouwers" wiene. Allinnich preekje út de Bibel; gjin kategismussen of oare boekjes dêrby. Sjonge yn de tsjinsten allinnich út it LfdT, by oargel of piano. Ut en troch in bysûndere tsjinst. Gelegenheid om foar de tsjinsten te sjongen út Sjongend op Wei, "Johannes de Heer" en de RK Gezangen voor liturgie.

E. De taal: Yn it gemeentelibben Frysk, yn de federative tsjerkeried twatalich, yn alle brûkte gebouwen elke snein in Frysk liet en 4x jiers in Fryske tsjinst.

F. Oantal leden: meiïnoar 5.000. (Dat is efkes minder as de helte fan it totaal oan doarpsbewenners) Leeftiidsopbou fan de leden: fan 20-40 jierrigen: tûzen; fan 40-60-jierrigen: 1.800; fan 60-plussers: 2.200.

G. Oantal tsjerkegongers: 2.000. Leeftiidsopbou tsjerkegongers: fan 20-40 jierrigen: 200; fan 40-60-jierrigen: 800; fan 60-plussers: tûzen.

H. Oantal warbere leden -- yn koaren en yn permaninte of tydlike wurkgroepen ensf --: 4.500. Leeftiidsopbou warbere leden: fan 20-40-jierrigen: 1.500; fan 40-60-jierrigen: 2.000; fan 60-plussers: tûzen. Guon binne yn mear as ien groep warber.

I. De oriïntaasje: yntrovert: allinnich rjochte op eigen lannelike foarljochting en foarming.

J. De finânsjes: De Herfoarme Gemeenten hawwe sawol grûn- as gebouwebesit en ha goed soarge foar rendabele eksplotaasje derfan. Libben jild is by de oare denominaasjes. By beide soarten is in batich saldo op de balâns en de reguliere aktiviteiten kinne goed betelle wurde, njonken in oantal ekstra aktiviteiten.

2. KONTAKT MEI DOARPSGENOATEN: Hoewol't de measten net Kristlik binne, wurdt der net op de Tsjerkeminsken delsjoen; it maatskiplik gedrach is troch it Kristendom foarme. Freonlik groetsjen yn winkels en op strjitte; noflik gearwurking yn doarpsferienings. Lykwols gjin ynhâldlike petearen. Inkelde bûtenlanners hawwe in Kristlike eftergrûn.

3. Omtrint tsien kilometer fan dizze doarpen leit in stêd fan 20.000 ynwenners.

II. DE SITEWAASJE OP 30 NOVIMBER 2011.

1. Tsjerklike gegevens:

A. De doarpen: De trije grutte doarpen binne groeid mei elk sawat 500 ynwenners; de lytse binne gelyk bleaun, mar mei in soad wiksling fan autochtoanen en allochtoanen (stedsjers en bûtenlanners, frijwat mei in Kristlike eftergrûn). Meiïnoar no 12.500 ynwenners, dus 1500 mear. De parochytsjerke is troch de biskop sluten en de parochy is opdoekt. De trije oare Tsjerken ha in groeiende opkomst fan alle leeftiidsgroepen.

B. De Gemeenten: 3 PTN-Gemeenten; dus meiïnoar 8 ynstee fan 16 Gemeenten. De dissidinte

modaliteiten binne bestean bleaun.

C. De gebouwen: noch krekt lyk as yn 2001, dus sechstjin gebouwen.

D. De earetsjinsten: noch krekt lyk, mar de trije dûmnys binne fuort en ferfongen troch ien dûmny en twa tsjerklike wurkers, ûnder itselde betingst: dat se "brêgebouwers" wêze moatte.

E. De taal: noch itselde, mar yn de tsjerkerieden wurdt mear Frysk praat.

F. Oantal leden: 4.500. (Dat is dus 500 minder en omtrint in treddepart part fan it oantal doarpsbewenners)

Leeftiidsopbou leden: fan 20-plussers: 500 (de helte minder); fan 40-plussers: 1.000 (achthûndert minder); fan 60-plussers: 3.000 (achthûndert mear).

G. Oantal tsjerkegongers: twatûzen (is itselde bleaun).

Leeftiidsopbou tsjerkegongers: fan 20-plussers: nul (200 minder); fan 40-plussers: tûzen; fan 60-plussers: tûzen.

H. Oantal warbere leden: fjouwertûzen (fiifhûndert minder).

Leeftiidsopbou warberen: fan 20-plussers: 300; fan 40-plussers: 1.200; fan 60-plussers: 2.500.

I. De oriïntaasje: noch wol yntrovert, mar se tinke oan feroaring. Se wolle doarpsgenoaten opsykje, mar se witte noch net mei hokker boadskip en mei hokker ferpakking fan dat boadskip. En yn hokker taal moat men de net-Fryske nijelingen oansprekke?

En hoe moat men reagearje op mooglik positive reaksjes fan de ûntsjerklike doarpsgenoaten? Wat kin men harren oanbiede? Moatte se har oanpasse by de tsjerklike wensten?

Wat en hoe moat men oan mei de groeiende lytse denominaasjes?

J. De finânsjes: Der is noch in lyts batich saldo op de balâns troch besuniging op dûmnystrakteminten en kosterleanen. Libben jild ferdwynt. Fermogen út eigendommen stiet ûnder druk troch weardefermindering en legere rinte. Rintmasters stinne al by de reguliere útjefteposten, lit stean dat der noch wat oer is foar ekstraasjes.

2. KONTAKT MEI DOARPSGENOATEN: sterk fermindere: minder akkomodaasjes, minder winkels, mear frjemden mei wa't allinnich yn it Ingelsk of brutsen Nederlânsk te praten is.

3. De stêd is groeid fan 20.000 nei 26.000 ynwenners.

4. SOSIOGRAFYSKE GEGEVENS FAN DE DOARPEN (NAVENANT: STEDSWIKEN):

Befolkingsopbou fan de 12.500 doarpsbewenners
en dy fan de 4.500 leden fan de Tsjerklike federaasje op 30 novimber 2011.

a. Leeftiidsopbou (Ik ha allinnich folwoeksenen rekkene):

Doarpsbewenners:	20-plussers: 20%;	60-plussers: 30%.
Federaasjeleden:	60- „	50%.
Har tsjerkegongers:	„ nul %;	60- 80%.

b. Religies:

Kristlik: 55%, ûnderskieden yn

Federaasje "Seispoartelim": 32%.

Frijmakke-, Kristlik Grifformeard en Pinkster: 10%.

Oare Kristlike ynwenners, binne lid fan tsjerke yn de stêd:

Kristlike ymmigranten, moatte fier reizgje, of thús fiere:
Moslim, Búddist, oaren, ha gebouwen yn de stêd:
Net oan ynstitút ferbûn: 40%.

c. Sosjaal en ekonomysk nivo:

Doarpsbewenners:

Universitêr, topûndernimmers, topbestjoerders, liedingjouwers, gesachfierders: 5%.

HBO- en MKB-nivo: ûndernimmend, gesachsgetrou, soms proletarysk: 35%.

(V)MBO en ZZP-ers: proletariërs, hânwurkers, wurkleazen, licht rebelsk: 55%.

Gjin oplieding: wurkleazen, mismoedich, prottelich, rebelsk, asosjaal: 5%.

By de federaasjeleden is dat:

lytse top (direkteuren; regionale en lannelike adviseurs);

65% hegere middenklasse (middelgrutte ûndernimmers; tsjerkeriedsleden, ôffurdigen nei boppepleatslike organen);

30% legere middenklasse (lytse ûndernimmers; tsjerkeriedsleden, kommisjeleden, aktiviteitegroepen);

lytse laach asosjaal, notoare râneleden (soms ynienen aktyf).

By har tsjerkegongers:

lytse top; 70% hegere middenklasse; 26% legere middenklasse, lytse laach asosjaal.

d. Kulturele ynteresse (sang en muzyk). Floeiende persintaazjes:

Doarpsbewenners:

Oratoarium en kantorij: meast 40-plussers, hegere middenklasse en top: 15%.

Koaren en korpsmuzyk: meast 40-plussers, legere middenklasse en leger: 30%.

Massasang ("meisjonglieten"): alle leeftiden, (v)mbo en heger: 60%.

Rock, pop, heavy metal: meast 20-plussers, (v)mbo en heger: 25%.

By de federaasjeleden is dat: 10% hegere muzyk; 30% koaren; 70% massasang; 20% pop.

By har tsjerkegongers: 5% hegere muzyk, 40% koaren; 75% massasang; 5% pop.

HÂLDING FAN DE FUNKSJONARISSEN FAN DE FEDERAASJE:

1: De tsjerkerintmasters. 2: De oargelisten. 3: De dûmny, de beide tsjerklik wurkers en de pastorale âlderlingen. 4: De tsjerklike bestjoerders. 5: De Fryske Friezen.

1. De TSJERKERINTMASTERS:

"Hoe kinne wy foarkomme, dat noch mear fan ús leden bûtentsjerklik Kristen wurde of oergeane nei partikuliere inisjatyfgemeenten?" freegje de rintmasters har ôf, "want dan nimme se it libbene jild mei nei bûten de Tsjerke".

Se ha reden om dêr oer nei te tinken, want de fêstichheden lykas it besit fan gebouwen, grûn en sparjild ferlieze oan wearde en oan rinte-opbringsten. Dêrtroch wurde preekferplichtingen, betelle personiel, ûnderhâld en seker ek de ekstra aktiviteiten ûnhâldber.

2. De OARGELISTEN:

"Hoe kinne wy foarkomme, dat noch mear fan ús leden ús ferlitte en de prachtige oargel- en kantorijmuzyk ynwikselje foar de lieten fan Frans Bauer of de platte ferskes fan Opwekking?" freegje de oargelisten har ôf, "want dan ferdwynt de Kristlike muzykkultuer".

Se ha reden om dêr oer nei te tinken, want yn har eigen Gemeenten spilet de wjersin tsjin de klassike tsjerkemuzyk in grutte rol en wurdt hieltyd mear frege om de deuntsjes en refreintsjes út oare kultueren. Dat bart net allinnich by jongelju, mar ek by âldere ienfâldige proletaryske minsken.

In ûnderskied sit noch wol hjiryn, dat de âlderen har skikke en bliuwe, mar de jongeren fuortrinne.

3. De PASTORALE funksjonarissen:

"Hoe kinne wy foarkomme, dat noch mear fan ús leden oergeane nei fundamentalistyske Gemeenten en dêrtroch de wittenskiplik ferantwurde Bibelútis yn preken, kategeese en pastorale petearen net mear krije sille?" freegje de dûmny, de tsjerklike wurkers en de pastorale âlderlingen har ôf.

Se ha reden om dêr oer nei te tinken, want de téologysk konservative Gemeenten winne oan, wylst har eigen Gemeenten leechrinne. Ek hjir binne it de âlderen, dy't har skikke en bliuwe, mar de jongeren rinne fuort en komme ek net iens mear yn Gemeentegearkomsten.

4. De tsjerklike BESTJOERDERS:

"Hoe kin it, dat yn horizontaal organisearre kongregaasjes, dêr't tsjerkerieden de gemeenteleden om it hurdsjemudsje rieplachtsje en beslissingsfoech jouwe, mear gemeenteleden frijwillich wurk dogge as yn top-down organisearre Tsjerken?" freegje de bestjoerders har ôf.

Dêr ha se reden ta, want it oantal fakatueres yn tsjerkerieden en kommisjes is grut. Dêrtroch binne bestjoerlike fúzjes nedich en ek dy losse it probleem net op. Dat jout in ferfrjemdzjend gefoel. Dy bestjoerders hearre, dat gemeenteleden, dy't it mei de lear fan de Tsjerke wol iens binne, sûn fan lea en mei genôch tiid foar sport en yoga, altiten sizze: "Foar dy klub wol ik my net ynspanne; de synoaden diktearje wat de Gemeenten dwaan meie en wat net en de tsjerkerieden dogge itselde tsjin de Gemeenteleden oer. Der is gjin rûmte foar eigen ynbring". Sa ferdwine de frijwilligers.

5: De FRYSKE FRIEZEN:

Dy freegje har ôf, hoefolle preekplakken foar Fryske preken se skeppe kinne. Se ha dêr reden foar, want sûnt de ôfskaffing fan de twadde sneinstsjinsten is by in grut tal Gemeenten it tal Fryske tsjinsten ta de helte werom brocht; troch de opheffing fan in grut tal Gemeenten is dat noch minder wurden en troch it sluten fan gebouwen binne der rigen fan doarpen, dy't gjin Fryske tsjinst mear krije. Dêr is net allinnich ferlies fan sichtbere Kristlike oanwêzigheid, mar ek fan Frysktalige. Hoe kinne wy mear preekplakken krije?

HÂLDING FAN TSJERKERIEDEN.

A. Sawol de federative as de lytsere eigen tsjerkerieden meitsje har noch mear ûngerêst as yn 2001:

- Gjin jonge tsjerkegongers.
- Fergrizing: ek âldere tsjerkegongers en aktivelingen litte it hieltyd faker ôfwitte.
- Sfear yn de doarpen wurdt minder freonlik.

B. Dochs sizze de measten: Der is neat tsjin te dwaan; it is no ien kear de tiid en dy kin men net keare.

Dêr ûntstie yn de federative ried in lytse diskusje oer.

a. In filosofysk man út de mearderheid ûnder harren hâlde in skôging oer it begryp "De Tiid".

Dat gie omtrint sa:

"De tiid is in autonome macht, dy't alles draacht, dat yn de kosmos ûntstiet, ferâlderet en ferdwynt. En de minske kin dêr neat tsjin dwaan, hy ûntstiet, ferâlderet en ferdwynt ek sels. Der is in tiid fan begjinnen en in tiid fan ophâlden, ek foar de Tsjerke. It hiele bestel fan de kosmos giet nei de ein, mar makket ek wer in nij begjin; wat dan komt, witte wy net."

c. In twadde sprekker reagearre dêrop en sei: "Goed, foar in part sjoch ik dat ek sa, mar de dynamyk fan de tiid is skepen en leit yn de hannen fan de Skepper. Ús tiden binne yn syn hân, ek dy fan de Tsjerke. En wat wol de Skepper? Dat is bepalend."

d. In oarenien heakke dêr op yn en sei: "De Skepper wol oan de ein ta tsjinne en fereare wurde oant yn de lêste generaasje, mei it ferskaat fan kultueren, dy't Er oan eltse generaasje jout. Dy kultueren sille altyd wer oars wêze as dy fan de foarige generaasjes. Wannear't wy dy nije generaasjes mei har eigen kultueren har lof oan God ûntkeare, meitsje wy ús skuldich oan it ferdwinen fan de earetsjinst fan God. Dat sil Hy oan ús straffe. Dan jout God it bestjoer oer de Tsjerke oan de folgjende generaasje, miskien troch ôfskieding, miskien ek noch krekt op tiid troch oerdracht binnen ús

Tsjerke. En wat kieze jim? Oerdracht noch binnen ditselde ynstitút? Of ôfskieding fan dit ynstitút?"
e. In âldere praktysk tinkende frou dearde de sitewaasje oan fanwegen de jongelju en sei: "Wy moatte om God en om de doarpen wat dwaan mei de jeugd." En se gie nei de eigen tsjerkeried. Dy gie der mei nei de federative ried.

C. Reaksje fan de federative ried:

a. Wy moatte wol ús sels bliuwe. De jeugd wol gjin oargel en piano hearre; allinnich mar hoempamuzyk en máltyrgjen. De klean, dêr't se soms mei yn tsjerke komme, rinne de spuigatten út. Wat se leauwe is in byinoar socht spul fan alle kanten en moarn leauwe se wer wat oars. Op sa'n foet kin men gjin earetsjinsten hâlde. Dan moat it gewoan mar ris ophâlde, spitich, mar sa is it.

b. Mar de niisneamde âldere frou seit: De jeugd wol gjin oargel en piano, gjin psalmen op Geneefske wizen, mar de jeugd is net negatyf: se wol it Evangeelje ferkundigje en belibje mei akoestyske muzyk en popmeldijen en sentimintele teksten yn moderne taal; dûns, toaniel en eksperimenten, en alles mei biimers.

Jou harren ien of twa gebouwen foar in tolve-oere-tsjinst nei it kofjedrinken; dan binne se krekt fan bêd en wekker.

En jou ek de wiffe middengroepen in tal eigensoartige tsjinsten.

DE TSJERKERIEDEN HARKJE NEI DE WIZE ÂLDE FROU.

a. De federative tsjerkeried beslút, in tsjerklike funksjonaris om ried te freegjen.

b. De funksjonaris wol wol komme, mar earst moatte de tsjerkerieden yn eigen fermidden in breinstoarm hâlde en dêrnei op in oantal gemeenteljûnen alle leeftiidsgroepen rieplachtsje . Dêr krije se in heal jier de tiid foar.

c. Dêrnei moat de federative tsjerkeried in oantal punten op papier sette en oan de funksjonaris stjoere, sadat de funksjonaris in earste reaksje jaan kin en twa moanne letter komme kin

d. De funksjonaris jout in oantal foarsetten foar de breinstoarm.

OER DE RÂNE

Geandewei, 27 jannewaris 2012.

God wennet yn de lofprizing fan syn folk, seit Psalm 22. Dy lofprizing kin yndividueel wêze, by elk fan ús apart yn it hert. Ús lichems binne timpels fan de Hillige Geast, skreau Paulus. Dêr binne gjin synoades of tsjerkerieden of gebouwen foar nedich.

De measten fan ús sille lykwols pas ta in útsongen lofprizing komme, wannear't se droegen wurde troch in mienskip, hoe lyts ek. Dat ferget in grutte húskeamer of in buerthûs of in horekaseal. Mar as se dêr oerlêst fan de sangers ha, is it gau út.

Dan mar in hagepreek? Of in earetsjinst by in opsette stien? Lykas dy fan aartsfader Jakob by Beth-el? Nee. Hiel ienfâldich omdat soks yn Nederlân allinnich mar simmerdeis mooglik is. De hilligen kinne it bêste mar in eigen gebou ha.

Mar wêrom soe elk doarp en elke stedswyk ferlet ha fan "eigen keninkrykjes"? (De term komt fan de AK Ljouwert yn it FD fan desimber 2011). Wêrom net ien grut keninkryk foar in hiele stêd of plattelânskrite? Dêr kin men in fraach tsjinoer stelle: Wol God dat? Wol God op sa min mooglik plakken fereare wurde?

Hy hat opdracht jûn ta de bou fan in tabernakel, in grutte linnenske tinte. En doe't kening David letter syn eigen moaie stiennen hûs fergelike mei dy linnenske tinte, woe er foar God in timpel bouwe. Dat hoegde fan God net, mar Hy wurdearre it motyf fan David en syn soan Salomo mocht de timpel bouwe.

Fan datselde motyf út ha de Joaden bûten de timpel ek hiele rigen synagogen boud en Kristenen tsjerken, huzen foar God, tekens fan Gods oanwêzigheid yn doarpen en yn folksbuerten. Frommens yn hout en stien.

Past it minsken om Godshuzen te sluten, wylst God dêr noch yt en drinkt mei lju, dy't syn Wurd lêze en syn lof sjonge en it gebou ûnderhâlde kinne? Lis oan sa'n mienskip de sifers foar en se bringt der mei wille it jild foar op.

N.B.: 15 febrewaris de moarns yn Ljouwert: FFF-gearkomste oer oanliedingen ta it oprjochtsjen fan nije gemeenten yn besteande gemeenten. Sjoch www.kruspunt.nl.
Ds P. Hekstra.

OER DE RÂNE

Geandewei, 9 maart 2012.

Op de Pinkstersnein past it net om in oare tekst yn it middelpunt te setten as Hannelingen 2. God hat syn Geast oan de learlingen fan Jezus jûn en dêr sitte safolle juwieltsjes fan geastlik libben oan fêst, dat mei elk jier wol yn it ljocht set wurde. Mar wat ha de learlingen fan Jezus hjoeddedei te dwaan mei dy Geast?

Tige nei oan ús hert leit fansels it weromwinnen fan ferlern terrein yn leechsteande tsjerken yn doarpen en stedswiken. Kin dat? Dat hinget der fan ôf, út hokker hoeke men it besjocht. Fan de foarbygiene Kristlike kultuer kinne allinnich in tal sterke restanten har trochsette. Mar yn de kultuer fan nei de jierren '60 is wat nijs foar Jezus te winnen. Dy kultuer is heidensk. En fan Hannelingen 14 út kin men tinke oan it winnen fan heidenen foar Jezus. Massa's jongelju witte ommers noch neat fan Jezus.

Fan de besteande Gemeente yn Antiochië út waarden Paulus en Barnabas útstjoerd nei de stêden Lystra en Ikonium. Dêr ferkundigen se ûnder grutte wjerstân it ferhaal fan de Messias. Se rjochten Gemeenten op fan heidenen en stelden dêr amtsdragers oan. Dat joech yn Antiochië grutte protesten. Fansels. Fan elke nijichheid moat besjoen wurde, oft se bestearsrjocht hat en wat de kwaliteit derfan is. Yn in wichtige gearkomste yn Jerusalem waard it wurk fan Paulus en Barnabas goedkard, mei wat gedrachsregels der by.

Besteande Gemeenten yn ús tiid, dy't heidenske buerten om har hinne ha, kinne itselde dwaan as dy Gemeente fan Antiochië dien hat. Stjoer besiele leden de wyk yn, lit harren dêr nije Gemeenten oprjochtsje en amtsdragers oanwize. Neidat earst in perioade fan gebed en fêstjen plak fûn hat om de wil fan God te freegjen en oanwizing fan Him te krijen. Dan sil syn Geast de moed en kreativiteit jaan. Gebouwen hoege se net te keapjen: dy binne der al. Protesten kinne yn in gearkomste besprutsen wurde en sille fêst liede ta goedkarring. It lêzen fan Hannelingen 13 en 14 kin helpe.

Ds P. Hekstra.

FASE 1: BREINSTOARM YN GEMEENTE

A. EARSTE FASE FAN OPBOU NIJE GEMEENTEN - FOAR BEGJINNERS.

1. Gean jim ferhâlding ta jim doarps-/stedgenoaten nei (trochsneed goedfolk mei Kristlike eftergrûn, humanisten, Moslims, Bûddisten, oaren):
 - a. Hoe freonlik binne jim foar harren?
 - b. Hoe grut is jim geastlike kredyt by harren?
 - c. Steane jim iepen foar har ynbring en prate jim dêr mei jim tsjerkerieden oer?
 - d. Kinne jim it Bibelske ferhaal oan harren fertelle?
 - e. Kinne jim har wat sympaty foar jim Gemeenten bybringe?
 - f. Steane se te wachtsjen op in sein, dat se wolkom by jim binne?
 - g. Yn hokker eleminten fan jim Gemeentelibben binne se no al wolkom?
 - h. Kinne se rûmte krije foar eigen earetsjinsten?
2. Wat tinke jim funksjonarissen fan de tastân yn jim Gemeente? (Tsjerkerintmasters, oargelisten, diakenen, pastorale (mei)wurkers, koster, Fryske Friezen)
3. Wol de modaliteit fan "it brede midden" yn jim Gemeente rûmte jaan oan oare modaliteiten?
 - a. Oan frijsinnigen (VVP / NPB): ja/nee/miskien.
 - b. Rûmsinnigen (= frijsinnich mei sympaty foar ortodoksen): ja/nee/miskien.
 - c. Midden-ortodoksen (= mingfoarmen fan frijsinnich en ortodoks): ja/nee/miskien.
 - d. Konfesjonelen (= ortodoks mei sympaty foar rûmsinnigen): ja/nee/miskien.
 - e. Grifformearde Bûnslju: ja/nee/miskien.
 - f. Evangelysken: ja/nee/miskien.
 - g. Lytse groepkes sûnder namme: ja/nee/miskien.
4. Wat hat jim tsjerkeried al mei jim Gemeente oerlein oer plannen foar in dochtergemeente?

B. TWADDE FASE FAN OPBOU NIJE GEMEENTEN - FOAR TROCHSETTERS.

5. Hoefolle rûmte wolle jim jaan oan:
 - a. de ûnderskieden soarten fan jongerein (neam de soarten, dy't yn jim omkriten wenje)?
 - b. de ûnderskieden kultuerlagen wat muzyk en sang oangiet?(Tink oan topklasse-, middenklasse- en legere klasseminsken.
Top: direkteuren; lannelike en ynternasjonale wurkers; middenklasse: measte ûndernimmers, provinsjale wurkers; fiele har faak net thús by de legere klasse. Legere klasse: hânarbeiders lykas boufakkers, fer-pleechkundigen, horecapersoniel, Johannes-de-Heer-/Opwekkings-/Frans Bauer-/Hard Metal-minsken, dy't har net thús fiele by de finere middenklasse en de topklasse.

6. Wolle jim mear kontakt mei de oare Kristlike denominaasjes yn jim omkriten?
7. Stel identiteitsprofilen op fan de nij op te rjochtsjen Gemeenten, dêr't jimme Gemeente de "mem" fan wêze wol en meitsje propagandasketsen foar ledewinning.
8. Gean nei, wêr't de ûnderskieden profylgroepen hinne moatte:
 - a. Yn pluriforme sin: alle profilen byinoar yn ien gebou;
 - b. Yn plurale sin: elk profyl yn in eigen gebou; bygelyks yn leechsteande gebouwen.
9. Wolle jim elke groep in eigen status jaan as gemeente mei in eigen tsjerkeried?
10. Hoe wolle jim foar jim dochtergemeenten erkenning krije by tsjerklike en boargerlike organen?

FASE 2: BESLÚTFOARMING

WEGEN EN MIDDELS

MOTIVAASJE 1

MOTIVAASJE 2

MOTIVAASJE 3

PROFYL

STRUKTUER

WEGEN EN MIDDELS

FOAR IN TSJERKERIED YN OERLIS MEI DE GEMEENTE

LYTS BEGJIN:

De tsjerkeried leit oan de Gemeente it foarnimmen foar om yn eigen Gemeente nije Gemeenten op te rjochtsjen en dêrta in jier fan oerlis mei de Gemeenteleden te nimmen.

Dat kinne wyk-, sub- of selsstannige Gemeenten wurde.

Dit foarnimmen kin ûntstien wêze troch in fersyk fan Gemeenteleden oan de tsjerkeried, mar ek troch eigen inisjatyf fan de tsjerkeried.

Goede ried:

- a. Lis fan it begjin ôf in rynsk finansjeel fûns oan ûnder betrouber behear.
- b. Foarmje fan it begjin ôf in espel fan geduldige nije liederes.
- c. Lês yn it foaren sljochtwei hinne de rubriken MOTIVAASJEMETOADEN I, II, II út de HHelp.
- d. Lês yn it foaren wat krefter de rubriken PROFYL en STRUKTUER út de HHelp.

TWA SPOAREN BINNE MOOGLIK:

Memmegemeente wurde betsjut faaks:

- 1: nei werving fan nije leden harren ûnderbringe yn nije Gemeenten;
- 2: in part fan de Memmegemeente ôfstean as kern foar nije Gemeenten.

MOTIVAASJEMETOADEN:

- i. in lyts triuwke jaan, wannear't tsjerkeried en gemeente it al fierhinne meiinoar iens binne, mar noch op gleeed komme moatte.
- ii. taredend wurk dwaan, wannear't tsjerkeried en gemeente it meiinoar iens binne, mar har goed taredede wolle en geandewei ta nije gemeentefoarming oergean wolle.
- iii. gemeenteljûnen hâlde, wannear't tsjerkeried en gemeente it net meiinoar iens binne en der earst stevich oer prate wolle.

MOTIVAASJE- METOADEN

I. IN LYTS TRIUWKE JAAN

WANNEAR'T TSJERKERIED EN GEMEENTE
IT AL FIERHINNE MEIINOAR IENS BINNE,
MAR NOCH OP GLEED KOMME MOATTE.

II. TARIEDEND WURK DWAAN

WANNEAR'T TSJERKERIED EN GEMEENTE
IT MEIINOAR IENS BINNE,
MAR HAR GOED TARIEDE WOLLE EN
GEANDEWEI TA NIJE GEMEENTEFOARMING
OERGEAN WOLLE.

III. GEMEENTEJÛNEN HÂLDE

WANNEAR'T TSJERKERIED EN GEMEENTE
IT NET MEIINOAR IENS BINNE
EN DER EARST STEVICH OER PRATE WOLLE.

MOTIVAASJEMETOADEN

I. IN LYTS TRIUWKE JAAN

**WANNEAR'T TSJERKERIED EN GEMEENTE
IT AL FIERHINNE MEINOAR IENS BINNE,
MAR NOCH OP GLEED KOMME MOATTE.**

**TSJERKERIED SET DE KNOP OM
EN NIMT INISJATYF**

In protte Gemeenten sille al gau mei nije Gemeentefoarming begjinne kinne,
neidat de rubriken PROFYL en STRUKTUER besjoen binne.
Oare Gemeenten ha miskien earst ferlet fan Motivaasjemetoade II en/of III.

MOTIVAASJEMETOADEN

I. IN LYTS TRIUWKE JAAN

TSJERKERIED SET DE KNOP OM

Brede Taakgroep ynstelle.

Tsjerkeried docht meidieling oan de Gemeente:

Groei is in gefolch fan de opdracht, dy't Jezus as Ferlosser fan de wrâld oan de apostelen jûn hat. Ek ús Gemeente kin meiwurkje oan de groei fan it oantal plakken fan heil. Groei betsjut dus net altyd yn ledetal te groeien, mar ek mear Gemeenten te stiftsjen. Gemeenten kinne dêrta gebrûk meitsje fan it ferskaat oan talinten yn har fermiddens.

Alle Gemeenten berikke in kear in nivo – posityf of ek negatyf – , dat oanlieding jout om de iene plant te fermearderjen ta in meartal fan planten.

De Bibelske ropping fan in Gemeente is de fermeardering fan it oantal plakken, wêr't Gods Wurd ferkundige wurdt, it tsjûgenis fan Jezus neisprutsen wurdt en de oanbidding fan de trije-iene God plakfynt. Sjoch 2 Korintiërs 4:15. Dat hat de Gemeente fan Antiochië dien fia Barnabas en Paulus yn Lyts Azië. Bestudearje ris de wurden fan Jezus yn Mattéus 18 fers 20 en yn Johannes 4 de fersen 20 - 24.

Ús tsjerkeried kin dêr yn in Gemeentegearkomste in beslút ta nimme. Dan kin in brede taakgroep ynsteld wurde. Yn earste ynstânsje beneamt de tsjerkeried allinnich de bestjoersleden fan de brede taakgroep. Dy ûndersykje, oft genôch Gemeenteleden oan de brede taakgroep meiwurkje wolle.

Sa gau as in oannimlik oantal Gemeenteleden yn de brede taakgroep opnommen is, sil dy taakgroep oergean ta it meitsjen fan in beliedsplan en dat foarlizze oan de tsjerkeried.

Sjoch fierderop foar in model foar in beliedsplan.

* Skriuw yn jim tsjerklike aginda:

De Ried fan ús Gemeente (X te Y) wol op-dei, datum/moanne/jiertal om oere mei de Gemeente prate oer har earste doelstelling: in taakgroep ynstelle.

.....
OPMERKINGEN OER DE TAKOMSTIGE NIJE GEMEENTEN:

Groepen út ús eigen fermidden kinne *dochtergemeenten* wurde. Mar ek kinne wy oan ledewerving dwaan en de losse yndividuen helpe om eigen Gemeenten op te rjochtsjen, *sustergemeenten*, mar as se dit wolle, kinne se like goed ek dochtergemeenten wurde. Bestearde groepen fan bûten ús fermidden – yn en bûten de Tsjerke – kinne wy adoptearje ta *adopsjegemeenten*. As groepen dat wolle, kinne se ta *selsstannige* Gemeenten foarme wurde.

It giet ús ommers om mear plakken foar it Wurd fan God en it tsjûgenis fan Jezus Kristus.


Yn it earste begjin sil der gjin grut ûnderskied wêze yn 'e behanneling fan de soarten fan nije gemeenten. Yn in lettere fase kin in "adopsjebarn" werom gean nei de oarsprong en kin se dêr fruchtber fierder wurkje. In "dochter" kin selsstannich fierder groeie en ek wer harsels fermearderje. Beide sille sa gau mooglik har identiteit, har doelstelling, har relaasjes en har finansjele ûnderbouwing besprekke en beskriuwe.

* Boppe oan de wurklist foar ús Gemeentegearkomsten stiet dit:

Ús Gemeente wol dochter-, suster- en adopsjegemeenten foarmje foar de tsjinst oan Jezus Kristus, ús Ferlosser en Hear.

Foarbylden foar mooglike propaganda folgje op de kommende bledsiden.

WY SYKJE LJOCHTFERSPRIEDERS



DE KRISTLIKE Gemeente X
YN Y

HAT BESLUTEN IN GROEI-Gemeente
TE WURDEN.

Dat wol sizze: se wol groeie mei help fan freonen en sympatisanten. Se wol har mear as oars útlizze op har taken yn de maatskippij.

Taken binne neist de diakonale opdracht ek de pastorale en spirituële arbeid. Dêrneist hat se kursussen, ûnder mear har kategisaasjestof, mar ek oare ûnderwerpen. Dy omfiemje mear as allinnich de leden fan de Gemeente.

En har ferkundigjende taak rikt fierder as de preekstoel.
Wat wolle wy no ?

It earste kenmerk fan ús Gemeente is, dat elke buertgenoat meiwurker wurde kin.

Elkenien is wolkom. Net allinnich om inoar te moetsjen, te harkjen, te sjongen en te bidden. Mar wy wolle ek graach meiwurkers ha, dy't bekwaam binne om yn sosjaal-diakonale projekten mei te wurkjen. En dy't pastoraal-bemoedigjende petearen fiere wolle mei oare minsken. En dy't it boadskip fan Jezus Kristus op in eigen persoanlike wize útdrage wolle yn 'e buertmienskip.


In twadde kenmerk fan ús Gemeente is, dat se harsels opspjalte wol.

Binne der minsken, dy't har better thús fiele by in oar profyl as uzes, dan kinne se by ús in eigen, nije en selsstannige Gemeente stiftsje. Dy kin gebrûk meitsje fan ús gebou en fasiliteiten. Wy ha leaver, dat der fjouwer nije Gemeenten komme yn ús gebou as dat wy ien lytse Gemeente bliuwe.

Wy binne ús - nei lange tiid fan besinning - tige bewust, dat wy tefolle wurk lizze litten ha en dat wy alle bewenners fan ús omkriten nedich hawwe. Dêrom wolle wy jim fersykje, hjir ris djip oer nei te tinken. Yn in lettere snuorje komme wy by jim lâns mei neiere tidingen.

WY SYKJE LJOCHTFERSPRIEDERS

AL RIS EARDER HAT DE KRISTLIKE Gemeente X
YN Y JIM IN BRIEF BROCHT.



DITKEAR WOLLE WY JIM WAT MEAR
YNFORMAASJE JAAN EN JIM IN
ÚTNOEGING DWAAN.

Ús taakgroepen hawwe yn oerlis mei guon fan
jimme neigien, wat yn dizze kontreien
driuwend needsaaklike wurksumheden binne
op geastlik mêd. Dus diakonaal, pastoraal,
spiritueel en ûnderrjochtsjend.

Hja binne ta de konklúzje kommen, dat dêr
sa'n grut ferskaat yn sit, dat it ideaal fan in
groei-Gemeente dêr goed by fan pas komt.

Dat is, dat

de Gemeente opspjalte wurde kin yn in oantal nije Gemeenten,
elk mei in eigen identiteit en wurkwize. Sa kinne ferskate dingen better
opnommen en útfierd wurde.

De taakgroepen besteane út leden fan de Gemeente en se ha in oantal kom-
misjes ynsteld, dêr't elkenien lid fan wurde kin.

Leden fan ús Gemeente binne hja, dy't troch belidenis ynstimd ha mei de
lear fan it Evangeelje, sa as de Gemeente dy belibbet. Dêrneist hat de
Gemeente plak makke foar nije Gemeenten mei in oar profyl, dy't foarme
wurde sille troch freonen en sympatisanten út ús omkriten.

Wy noegje jim út om mei ús en mei inoar yn 'e kunde te kommen
by in twatal iepenbiere gearkomsten mei kofje – fergees – en te sneupen yn
'e list fan foarstelde aktiviteiten, dêr't kommisjes en wurkgroepen foar
ynsteld wurde kinne. Der sil grif wat by wêze, dêr't jimme jim yn thús
fiele sille.

It plak is:

De datums en de tiden binne:-dei,-, om oere.

En:-dei,-, om oere.

Jim gasthearen en gastfroulju binne: leden fan de taakgroepen.

Hertlik wolkom.

TEKST FOAR RUBRYK YN DE SNEINSBRIEF

HERTLIK WOLKOM, AL ÚS GASTEN !

As jo no foar it earst by ús binne, of al faker west ha, jo binne altyd wolkom yn ús fermidden. Miskien binne jo tefreden mei it bywenjen fan ús sneinske tsjinsten, mar miskien wolle jo ek wolris wat mear fan ús fernimme of wat mear fan jo fernimme litte. Dat mei ! Dêrom jouwe wy jo hjir de gelegenheid om oan te jaan, wat jo wolle.

O Ik kom net by de Tsjerke, mar foar jim Gemeentelibben wol ik wol geregeld bidde.

O Ik kom net by de Tsjerke, mar guon fan jim aktiviteiten wol ik wol finansjeel stypje.

O Ik kom net by de Tsjerke, mar oan guon fan jim aktiviteiten wol ik as tsjerkefreon meidwaan.

O Ik bin lid fan in oare Tsjerke, mar wol by jimme as gastlid meidwaan.

O Ik wit wat fan it Evangeelje en wol no de hiele Bibel besjen; ik kom by jim op in kursus.

O Ik ha de Bibel lêzen en wol by jim God hearre; ik wol yn jim Gemeente doopt wurde en lid wurde.

O Ik bin as bern doopt en wol der no belidenis fan dwaan yn jimme Gemeente en lid wurde.

O Ik bin folwoeksen doopt en wol no meidwaan yn jimme Gemeente en lid wurde.

O Ik wol fansels earst efkes mei jim prate en ik kin hjir wol komme

O op jim fêste sprekoere, te witten:-dei,-..... (datum)
om oere

O of nei de tsjerketsjinst fan snein-..... (datum) om oere by it kofjedrinken.

O As it om jimme past, dan soe ik jim graach by my thús sjen op

.....-dei,-..... (datum) omoere,

of op-dei,-..... (datum) om oere,

of op-dei,-..... (datum) om oere.

Soene jim oars efkes kontakt mei my opnimme wolle foar in definitive ôfspraak ?

Myn namme is: ...

Adres: ...

Postkoade en wenplak: ...

Telefoan: E-post:

BELIEDSPLAN

FOAR IT OPRJOCHTSJEN FAN NIJE GEMEENTEN YN IN BESTEANDE GEMEENTE.

BREDE TAAKGROEP YNSTELLE.

In tsjerkeried kin oan de Gemeente in plan foarlizze om fan de Gemeente in Memmegemeente te meitsjen. Omkeard kinne Gemeenteleden by de tsjerkeried in fersyk dêrta ynbringe. De tsjerkeried bringt dat fersyk dan op de earstfolgjende Gemeentegearkomste, mei in foarstel ta oannimming. Wannear't der in grut draachflak blykt te wêzen, kin de tsjerkeried fierdergeande foarstellen dwaan. Dy foarstellen moatte leafst troch tachtich persint fan de tsjerkerieds- en Gemeenteleden droegen wurde.

Neffens âlde wenst is krekt wat mear as fyftich persint genôch, mar der binne twa redenen om nei tachtich persint te stribjen:

1. om in goed draachflak te krijen;
2. om de motiven fan de ienentwintich (of mear) persint tsjinstemmers te hearren en te wagen.

Wannear't mar 79 % of minder foarstimd hat en de tsjerkeried alle motiven – foar en tsjin – woegen hat, kin in folgjende Gemeentegearkomste mei goed 50% foarstimmers in nij plan oannimme. Wurdt it oannommen, dan sil de tsjerkeried fierder gean.

Dêrnei kin de tsjerkeried in "Brede Taakgroep" ynstelle.

* Yn it tsjerkeblêd de Gemeentegearkomste oankundigje. Notearje der by: As de Gemeente it foarstel oannimt om in Memmegemeente te wurden, dan wurdt it fermannichfâldigjen foar har de earste prioriteit. De tsjerkeried beneamt dan daliks de bestjoersleden foar in brede taakgroep, dy't de foarming fan dochter-, suster-, adopsje- en selsstannige gemeenten as taak krijt. Dat bestjoer stelt binnen in moanne in komplette taakgroep oan de tsjerkeried foar.

EARSTE WURKSUMHEDEN FAN IT BESTJOER FAN DE TAAKGROEP:

1. a. Doelen stelle foar de kommisjes en wurkgroepen, dy't yn de Taakgroep in plak krije sille (sjoch by de rubriken Profyl, Struktuer en Bylage 5 fan de HHelp).
b. Leden sykje foar dy gremiums út Gemeenteleden, aspirantleden, gastleden, gasten en Gemeentefreonen.
c. Yn oerlis mei dy minsken de doelen bystelle en foarearstige ynstruksjes opstelle foar de wurksumheden fan dy gremiums. De earste ynstruksje is: stribje nei nije gemeenten. Oerlis mei oare taakgroepen fan de tsjerkeried kin fruchtber wêze.

d. In beliedsplan opstelle foar de earstkommende tsjerkeriedsgearkomste.

* Notearje yn tsjerkeblêd of sneinsbrief:

It bestjoer fan de brede taakgroep hat in komplette taakgroep gearstald en in beliedsplan opsteld en wol dêr op -dei,-.....- 20..... mei de tsjerkeried oer prate en op -dei,-- 20..... om oere mei de Gemeente.

YNHÂLD FAN IT BELIEDSPLAN:

It beliedsplan sil yn elts gefal de neifolgjende hannelingen omfiemje:

1. *Enkêteformulier* opstelle en dêrmei in ûndersyk dwaan ûnder de Gemeenteleden om te sjen, oft der genôch Gemeenteleden ree binne om bestjoersferantwurdlikheid te nimmen foar ien of mear nije Gemeenten. Gemeenteleden, aspirantleden, gastleden en Tsjerkefreonen, dy't yn it foaren al ta sa'n ferantwurdlikheid ree wiene, meie har daliks al by de tsjerkeried notearje litte as kandidaat. Tsien kandidaten foar in nije tsjerkeried en tritich kandidaten foar taakgroepen fan in nije Gemeente binne foarearst genôch.

2. In *konsept fan in stappeplan* opstelle mei help fan de tsjerkeried en fan de belangjende Gemeenteleden. De taakgroep leit dat plan binnen twa moanne foar oan de tsjerkeried. Dy leit it dêrnei mei kanttekeningen binnen in moanne foar oan in ekstra Gemeentegearkomste as foarstel om oan te nimmen.

Foar it oannimmen fan it konsept-stappeplan is yn dy Gemeentegearkomste in breed draachflak nedich, tink mar wer oan tachtich persint fan de jildige stimmen. Is it plan ferwurpen, dan wurdt uterlik in fearnsjier letter wer in ekstra Gemeentegearkomste hâlden. Dêryn is foar it oannimmen fan it bystelde konseptstappeplan in gewoane mearderheid nedich. Want in bysteld plan moat net troch in lytse minderheid tsjinhâlden wurde.

3. In *definityf stappeplan* opstelle: Hat de Gemeentegearkomste it konseptstappeplan oannommen, dan makket de taakgroep mei help fan de bedoelde Gemeenteleden in definityf stappeplan. As dat oannommen is, sil de taakgroep alle foarnommen stappen oan de tsjerkeried en oan in oantal Gemeentegearkomsten foarlizze, mei tuskenskoften fan heechút trije moannen.

(Is it definitive stappeplan oannommen, dan kin de tsjerkeried kontakt opnimme mei in ynstânsje, dy't it foech hat om oan de dochter-, suster- of adopsjeGemeente(n) meitiid erkenning te jaan as selsstannige Gemeente(n) binnen it tsjerkeferbân. Fynt dy ynstânsje de tiid net ryp foar selsstannichferklearring, dan bliuwe de nije Gemeenten ûnder it mentoraat fan de Memmegemeente.)

(Dochter-, suster- en adopsjegemeenten sille daliks yn har begjinstadium nei de boargerlike oerheid gean om erkenning en ynskriuwing as rjochtspersoan. En se sille daliks in eigen taakgroep foar de foarming fan nije dochter-, suster- en adopsjegemeenten ynstelle.)

Stappeplan, - model -:

.Koarte skets fan it foarnommen profyl fan de Gemeente.

.Profil fan koster en oare beropsmeiwurkers. Hier of keap fan gebou. Finansjele

begrutting.

.Fêste frijwillige bydragen fan leden, bydragen fan gasten en tsjerkefreonen, fûnsewering.

.Gebedstaakgroep. Stúdzjetaakgroep. Taakgroepen foar diakonale, pastorale en ferkundigingskommisjes.

.Taakgroep foar de oprjochting fan wer nijere Gemeenten.

.Relaasje mei Memmegemeente, mei regiofergearing en boargerlike oerheden.

.Planning fan earste eigen earetsjinsten en earste trije mienskiplike tsjinsten fan dochter-, suster-, adopsje- en Memmegemeente.

.Hokker Bibelfertalingen neist Steatefertaling; hokker lieteboeken neist it Psalmboek ?

.Wat binne "belidende leden", "doopte -", "opdroegen -", "aspirant-", "gastleden" en "tsjerke-freonen" ?

.Earste tsjerkeriedsleden. Earste ledelist.

.Ynwurkingsperioade om te sjen, oft de jonge Gemeente libbenskrêft ha sil.

.Earste amtsdragersbefêstiging. Earste rige Gemeentegearkomsten. Mentoraat. Ensamear.

NEIDAT DE GEMEENTE IT IDEE FOAR IN MEMMEGEMEENTE OANNOMMEN HAT:

.Datums fêststelle foar in grut oantal Gemeentegearkomsten yn in jier.

.Yn dy gearkomsten mei de Gemeenteleden identiteit en doelstelling besprekke fan de besteande en fan de kommende Gemeenten.

.Profyl meitsje fan taken foar takomstige diakenen, âlderlingen en in dûmny, mooglik ek dy fan de Memmegemeente.

TAAK FAN ALLE AMTSDRAGERS:

Solidêr wêze mei God en mei de takomstige Gemeente, dêr't se yn oansteld wurde en dy't de Hillige Geast ûntfange sil.

By it taakprofyl fan diakenen heart: in pear diakenen der by foar it persoanlik thús opsykjen fan minsken yn en bûten de Gemeente. By âlderlingen itselde foar pastorale besites yn en bûten de Gemeente. Ek jeugdâlderlingen sille jonge minsken yn en bûten de Gemeente persoanlik moetsje. Tsjerkerintmasters en moderamenleden sille keazen wurde út amtsdragers, dy't persoanlik húsbesyk dien hawwe of dogge.

It seit himsels, dat ek de nije dûmnys diakonaal, pastoraal en evangelisearjend wurk dogge en ek de Gemeenteleden dêryn oefenje. Har tsjerketsjinsten kinne dêr by helpe.

TARIEDENDE ELEMINTEN:

.Profyl fan koster en oare beropsmeiwurkers meitsje.

.Hier of keap fan gebou fêststelle – mooglik dat fan de Memmegemeente –.

.Finansjele begrutting opstelle, hichte fan 'e frijwillige bydragen skatte,

fûnsewering ynstelle.

.Relaasjes mei boargerij en tsjerken yn eigen omkriten bepale.

.Taakgroep foar oprjochting fan dochtergemeenten en adopsjegemeenten ynstelle.

.Taakgroep foar gebedsgroepen foar Gemeentelibben, Tsjerke, wrâld en buert ynstelle.

.Taakgroep foar kennis fan Bibel, belidenis, tsjerke-oarder, Europeesk en wrâldwiid tsjerkelibben.

.Taakgroep foar Gemeentewurkgroepen bûten de neamde taakgroepen.

.Kontakten lizze mei regionale organen om by groei fan in dochtergemeente ek ta erkenning as selsstannige Gemeente yn it Tsjerkeferbân te kommen.

Kontakt opnimme mei de boargerlike Gemeente om ynskriuwing en registraasje as rjochtspersoan.

.In ynwurkingsperioade fan in tal jierren is winsklik om te sjen, oft de jonge Gemeente libbenskrêft hat. Dêrta is in tydlik mentoraat troch de âlde Gemeente oan te rieden.

.In earste ledelist fan 'e dochter- of adopsjegemeente kin dan opsteld wurde.

MOTIVAASJEMETOADEN

II. TARIEDEND WURK DWAAN

**WANNEAR'T TSJERKERIED EN GEMEENTE
IT WOL MEIINOAR IENS BINNE,
MAR HAR DOCHS EARST GOED TARIEDE WOLLE
EN GEANDEWEI TA NIJE GEMEENTEFOARMING
OERGEAN WOLLE.**

MOTIVAASJEMETOADEN

II. TARIEDEND WURK DWAAN

YN DIZZE GEMEENTE BINNE TSJERKERIED EN GEMEENTE IT MEIINOAR IENS, MAR SE WOLLE GOED TARIEDEND WURK DWAAN

BESINNING OP BIBELSKJE BASISPRINSIPES EN STRUKTURELE OPBOUMOOGLIKHEDEN BERIEDSGROEPKE(S)

Nim in jier tiid foar dizze tarieding.
In protte Gemeenten sille tidens dit tariedend wurk
al mei nije Gemeentefoarming begjinne kinne,
neidat de rubriken PROFYL en STRUKTUER besjoen binne.
Oare Gemeenten ha miskien mear ferlet fan Motivaasjemetoaden I en/of III.

BERIEDSGROEPKES:

De tsjerkeried noeget in oantal minsken út om profilen op te stellen foar nije Gemeenten, potinsjele nije liederen te sykjen en finansjele middels te garjen.

It is nuttich, dat dêr tsjerkeriedsleden by binne.

Dat oantal kin in groepke fan fiif persoanen wêze, mar ek twa of trije groepkes fan fiif.

Stel yn elk groepke in lieder oan en in notulist mei it each op de ferslachjouwing oan de tsjerkeried.

Se kinne simultaan yn itselde gebou gearkomme, mar ek op ferskillende dagen en tiden, as se mar wol itselde programma folgje.

It is nuttich, dat de leden fan elk groepke fan groepke wikselje kinne; dat befoarderet de ûnderlinge kundskip.

Dy lytse groepkes wurde elk de kearn fan de gruttere groepen by paragraaf C.

A. HOE TE BEGJINNEN?

De beriedsgroepkes hawwe earst oerlis mei de foargonger apart en mei de tsjerkeried, om it wurk sa ôf te stellen, dat it net konkurrearet mei bestand wurk.

Soargje der foar, dat Bibels beskikber binne en skriuwpapier. Yn in lettere fase ek boekjes mei de trije oekumenyske belidenissen (Apostoalikum, Nicénum, Athanasius) en de belidenissen fan it belangjende tsjerkeferbân. Yn in Calvinistyske Tsjerke sille dat wêze de trije Protestantsk-Grifformearde belidenissen (Heidelberger Kategismus, Nederlânske Geloofsbelidenis en Dordrechter Treastregels).

B. WURK EN TIIDPAAD.

a. Dan docht de tsjerkeried mei de lytse groepkes yn lange halen dat, wat hjirûnder yn koarte halen stiet by paragraaf C. Dat kin wierskynlik wol yn fjouwer gearkomsten syn gerak krije. It kin nuttich wêze, dat de lytse groepkes yn de grutte groepen fan paragraaf C meidogge om dy op glead te helpen.

b. Stel in tiidpaad fêst.

As eltse groep om de fjirtjin dagen gearkomt, krijt men dit tiidpaad:

lytse groepkes 4 x 2 wiken en de gruttere groepen 12 x 2 wiken makket 32 wiken.

Dêr kinne in X-oantal tsjerkerieds- en Gemeentegearkomsten tusken troch komme en fakânsjes. It gehiel komt dan op goed in jier en dan kinne nije Gemeenten yn de startblokken set wurde mei help fan de rubriken Profyl en Struktuer fan de HHelp.

Lit de tsjerkeried alfêst fan it begjin ôf sneupe yn dy rubriken. Dat komt te pas by de breinstoarmsessy fan C6 en C9 en kin it besinningsproses stimulearje.

C. FERFOLCH:

Rop by elk fan de lytse groepkes nei fjouwer gearkomsten noch in stik of sân oare minsken byinoar foar in breder opsette breinstoarm. Set tafels klear, dêr't 5 à 6 minsken by sitte kinne. De dielnimmers kinne út de tsjerkeried en de Gemeente komme; miskien kinne ek meilibjende gasten útnoege wurde. Wiis yn elke groep in notulist oan mei it each op de ferslachjouwing oan de tsjerkeried. De dielnimmers hoege net hieltyd yn deselde gearstalling byinoar te sitten, mar wol sa, dat elk groepke in notulist hâldt. Dizze gruttere groepen sille goed tsien jûnen fan 2½ oere (ynklusyf pauze) fergje kinne. Bring wol struktuer oan, lykas hjir no folget:

Struktuer en ynhâld fan de besprekkingen:

Ynstruksjes foar de groepsliederen:

1. Earste gearkomste; gjin gasten der by.

(Téma: Lis út, wêrom't de Bibelske basis yn alle gearkomsten meinommen wurdt.

En: Wat moat yn in Kristlike Gemeente te finen wêze?).

a. ûntfangst mei kofje/tee -- 15 minuten --;

b. lêst in stik út it Wurd fan jim Hear oer Gemeentefoarming, bygelyks út de brief oan de Efeziërs;

c. freegje Him om by jimme te wêzen.

d. Stel jim oan inoar foar ("hoe hite jim; wêrom dogge jim hjir oan mei?")

e. Lit elk in stik papier en in pinne krije om te skriuwen en te bewarjen. Doch dêrnei punt f.

f. Lit elk yn in pear wurden op papier trije eleminten skriuwe, dy't yn in Kristlike Gemeente beslist te finen wêze moatte. Tink dêrby ek oan de finansjele kant. Dat kin op sawat tritich punten útrinne. Pauze.

g. Lit elk syn trije punten oan de groep foarlêze, freegje út en troch om útlis, mar jou gjin kommentaar en nim gjin beslissingen. Dat is faaks al genôch foar ien gearkomste.

Diel mei, dat fan elke gearkomste ferslach dien wurde sil oan de tsjerkeried.

Slút de gearkomste mei in liet, bygelyks "Heb dank, o God van alle leven" (Ned./Frysk).

2. Twadde gearkomste, sûnder gasten.

(Téma: Wat wol men yn in nije Gemeente befoarderje?):

a o/m e itselde as by 1.

f. Lit elk yn in kertier mei in pear wurden in tsjûgenis op papier skriuwe,

- wat de Bibel foar har/him betsjut;

- wat de tsjerklike "Belidenis fan Nicéa" har/him docht. Of, as dy ûnbekend is: wat docht him de bewearing, dat de Heit de Skepper is, dat de Soan fan God fleis wurden is, dat de Hillige Geast libben makket;

- hoe't er persoanlik omgiet mei de trije-iene God;

- wat er al dien hat oan publyk tsjûgenis oer God en it Evangeelje (mei muzyk, keunst, wurden of oare middels).

Lit elk dy punten oan de groep foarlêze, freegje in inkelde kear om útlis, mar jou gjin kommentaar. Diskusje komt yn in lettere fase. Nim gjin beslissingen, mar gean oer nei de punten g en h. Earst pauze.

g. Lit elk trije dingen op papier sette, dy't er yn in nije Gemeente miskien net dwaan sil, mar wol befoarderje wol. Dat kinne dus wer tritich punten wurde, mar der sille in protte dûbele tusken sitte. Lês se oan inoar foar, freegje út en troch om útlis. Nim gjin beslissingen.

h. Jou hús wurk op: Lit elk thús út de Bibel Psalm 22 lêze en syn eigen gedachten opskriuwe by Psalm 22 fers 2. Dy tekst wurdt de oare kear net besprutsen, mar wol Psalm 30. It giet om swierrichheden yn it leauwen. Slút dizze gearkomste ôf mei it lêzen fan (in part fan) Psalm 22.

3. Tredde gearkomste; kin mei gasten der by.

(Téma: Wat wol men yn in nije Gemeente aktyf dwaan? Swierrichheden):

a o/m e itselde as by 1.

f. Lit no elk trije aktiviteiten op papier sette, dêr't er persoanlik aktyf wurk fan meitsje wol yn in nije Gemeente. Tink ek wer oan de finansjele kant. Dat kin op tritich punten útrinne, mar in part dêrfan sil dûbeld of faker neamd wurde. Lit elk syn punten oan de groep foarlêze, freegje wa't in motivaasje foar syn aktiviteiten jaan wol. Jou wol kommentaar, mar nim gjin beslissingen. Pauze.

g. Lês meiïnoar Psalm 30 en lit elk syn gedachten sizze by de fersen 6-9. It giet om swierrichheden yn it leauwen. Yn dizze Psalm bidt de dichter en seit God wat syn probleem is, en dus komt er ek wer yn it ljocht te stean. Freegje út en troch om útlis of motivaasje, mar jou gjin kommentaar en nim gjin beslissingen.

h. Jou hús wurk op: Lês thús Psalm 73 en skriuw jim eigen gedachten op by de fersen 2-8. Dy tekst wurdt oare kear net besprutsen, mar wol Psalm 139. It giet om fersikingen yn it leauwen.

i. Lit elk in gebed útsprekke en God freegje om wysheid en moed. Dat kin sa ("groepsgebed"):

Freegje immen om mei it gebed te begjinnen; freegje in oarenien om it lêste gebed út te sprekken. Jou tusken dy twa yn in oantal minuten tiid foar oaren om yn stilte te bidden of miskien ek lûdop. Foarbyld foar in begjinbede:

"Heare God, Bliuw by ús; jou ús ynsjoch yn ús sitewaasje; jou ús wysheid om goede plannen te meitsjen; jou ús moed om se goed te presintearjen oan ús opdrachtjouwers en se mei har te besprekken".

("Wolle Jo no ek harkje nei de gebeden, dy't hjirnei troch oaren bidden wurde, miskien lûdop, miskien yn stilte") (stilte; gelegenheid ta stille en útsprutsen gebeden; as it in minút lang stil bleaun is, kin de lêste bidder it gebed ôfslute en sizze: "Dat bidde wy Jo yn Jezus' namme; amen".)

4. Fjirde gearkomste; kin mei gasten der by.

(Téma's: Meitsje in foarearstich profyl. En fersikingen):

a o/m e itselde as by 1.

f. Lit elk in profyl foar in nije Gemeente betinke en yn trije wurden opskriuwe. Lit elk se oan de groep foarlêze. Freegje om de motivaasje ta dy profilen. Lit dêrnei elk op syn eigen papier notearje, hokker profilen it faakst neamd wurde. Lit elk dan trije profilen kieze, wannear't jim trije nije Gemeenten oprjochtsje wolle, twa yn gefal fan twa en ien yn gefal fan ien nije Gemeente. Besprek meiïnoar wat jim keazen hawwe en wêrom. Yn in lettere fase wurdt om definitive profilen frege. Nim gjin beslissingen. Pauze.

g. Lês meiïnoar Psam 139. Lit elk syn gedachten sizze by de fersen 19-26. Freegje út en troch om de motivaasje, mar bring se net yn diskusje en nim gjin beslissingen. It giet om fersikingen yn it leauwen.

h. Jou as húswurk op: Lês thús Mattéus 25:31-46 en skriuw jim eigen gedachten op by fers 46. Dy tekst wurdt oare kear net besprutsen, mar wol Galasiërs 5. It giet om it oardiel fan Jezus oer ús.

i. Lit elk op syn papier in koarte skets jaan (yn omtrint tsien wurden) fan wat lieder fan in nije Gemeente dwaan moatte en ek yn omtrint tsien wurden in fisy op finansiering. Lit elk dy sketsen oan inoar foarlêze. Freegje in inkelde kear om útlis, mar jou gjin kommentaar en nim gjin beslissingen. Ôfslute mei groepsgebed.

j. Diel mei, dat by de earstfolgjende gearkomste mear tsjerkeriedsleden meidwaan kinne.

5. Fiiifde gearkomste; mei gasten en mei mear tsjerkerieds- en Gemeenteleden.

(Téma's: Wa wol lieding jaan oan in nije Gemeente? En: it oardiel fan Jezus).

a o/m e itselde as by 1.

f. Jou elk fan de oanwêzigen gelegenheid om koartwei te sizzen, oft er lieding jaan wol oan in nije Gemeente: Ja/Nee/Ik wit it net. Freegje nei de motivaasje -- "Wêrom net? Wêrom wol?" -- en nei syn fisy op finansiering. Jou gjin kommentaar, en nim gjin beslissingen. Freegje dêrnei, oft se yn de Gemeente ek oare kapabele lieder fine kinne foar in nije Gemeente, ienfâldichwei Ja/Nee/Ik wit it net. Lit harren gjin nammen neame en bring se yn elts gefal net yn diskusje. Nim gjin beslissingen.

g. Lês meiïnoar Galasiërs 5. Lit elk syn gedachten sizze by de fersen 1-6. It giet om it oardiel fan Jezus oer ús. Freegje út en troch om de motivaasje, mar bring se net yn diskusje en nim gjin beslissingen.

Pauze.

h. In belangryk ding foar organisaasjemodellen:

Lit elk yn twa minuten op syn eigen papier opskriuwe, wat in nije Gemeente wurde moat (ien model kieze) en dan yn nochris inkelde minuten in koart finansieringsplan opskriuwe foar gebouwen, koster, musisi, foargongers, sjongboeken, nijsbrieven en aktiviteiten. (Men kin tinke oan it sykjen fan sponsors, bydragen fan Gemeenteleden, buert- en oare aksjes).

Wat moat in nije Gemeente wurde?

- ôfhinklike dochter ûnder in besteande Gemeente ("subgemeente"), dus ien tsjerkeried foar beide;

- folwoeksen dochter neist de Memmegemeente, dus in wyktsjerkeried neist de memmetsjerkeried en dan tusken beide in Algemiene Tsjerkeried ("dochtermemeente");

- selsstannige dochter mei in eigen tsjerkeried binnen in klassis ("sustermemeente");

- frije Gemeente mei in eigen tsjerkeried en gjin ferbân mei oare Gemeenten ("selsstannige gemeente").

i. Lit elk syn model -- mei it finansieringsplan -- oan de groep foarlêze. Freegje nei de

motivaasje ta dat model, mar it hoecht noch net besprutsen te wurden. Nim gjin beslissingen.

j. Jou as húswurk op: Lês thús Romeinen 2:12-16 en 26-29 en skriuw jim eigen gedachten op by Rom. 3:14. It giet om Gods oardiel oer de heidenen. Dy tekst wurdt oare kear net besprutsen, mar wol 2 Petrus 1:5-8.

Ôfslute mei groepsgebed.

6. Seisde gearkomste mei mear gasten en mear tsjerkerieds- en Gemeenteleden.

(Téma: Kontakt mei "heidenen"):

a o/m e itselde as by 1.

f. Lês mei alle oanwêzigen 2 Petrus 1:1-11. It giet om ús leafde, ek foar heidenen. Lit elk syn gedachten dêroer sizze; bring se yn diskusje. Nim de tiid der foar. Lit elk sizze, oft er lâns de wei fan Petrus ta de leafde foar alle minsken komme kin, of in oare Bibelske wei wit en dy folgje kin. Sjoch Hannelingen 10:28. Pauze.

g. Freegje de oanwêzigen, oft elk de beslissing nimme kin om dy leafde yn de praktyk fan nije Gemeenten troch te fieren. Freegje út en troch om de motivaasje foar har beslissing.

h. Jou as húswurk op: Sykje boekjes, dêr't de trije oekumenyske geloofsbelidenissen yn steane: Apostoalyske Geloofsbelidenis, Belidenis fan Nicéa en Belidenis fan Athanasius; lêse se alle trije troch en skriuw op papier jim miening oer dy belidenissen. Nim dy boekjes de folgjende kear mei nei de gearkomste.

i. Freegje elk, oft er it nedich fynt, dat de Gemeente dy oekumenyske belidenissen geregeld heart. Jou de antwurden yn diskusje. Jou gjin kommentaar. Nim gjin beslissingen.

j. Freegje de tsjerkeried om de rubriken Profyl en Struktuer HHelp te lêzen, thús alle eleminten te beoardieljen -- positive en negative en se yn in tsjerkeriedsgearkomste te besprekken; se wurde yn de njoggende gearkomste besprutsen.

Ôfslute mei groepsgebed.

7. Sânde gearkomste, mei idem as 6.

(Téma: Oekumenyske belidenissen).

a o/m e itselde as by 1.

f. Lês mei alle oanwêzigen de Belidenis fan Nicéa. Lit elk syn gedachten dêroer sizze; bring se yn diskusje. Nim de tiid der foar. Lês ek it Apostoalikum (= "Tolve artikels"). Freegje om opmerkingen en om de motivaasje ta dy opmerkingen. As der tiid oer is, lêse dan meiïnoar ek de Belidenis fan Athanasius; wiis har op de liturgyske omwurking, dy't yn de Hânsume Help diel 6 stiet (digitaal fergees te krijen). Freegje om opmerkingen oer "Athanasius" en freegje om de motivaasje dêrta. Jou gjin kommentaar. De oekumenyske belidenissen binne Nij-Testamintysk: se geane benammen oer de fraach "Wa is dy God, dy't wy tsjinje?". Pauze.

g. Lit elke groep in kertier diskusearje oer de fraach, oft har eigen misjonêre tsjûgenis oerienstimme kin mei de kearnsaken fan it Nije Testamint. Wat binne neffens harren dy kearnsaken? Passe de trije oekumenyske belidenissen dêr yn? Notearje de resultaten fan dy diskusjes, mar jou gjin kommentaar.

h. Lit ek elke groep in kertier diskusearje oer de fraach, oft har misjonêre tsjûgenis oerienstimme kin mei alle eleminten út de hiele Bibel: wat binne neffens har de kearnsaken fan it Âlde Testamint en wat is har relaasje mei it AT? Notearje de resultaten fan dy diskusjes, mar jou gjin kommentaar.

i. Jou as húswurk op: Sykje boekjes, dêr't de trije Grifformearde-Protestantske geloofsbelidenissen yn steane: Heidelberger Kategismus, Nederlânske Geloofsbelidenis, Dordrechter Treastregels; sneup se alle trije troch en skriuw op papier jim miening oer de

Heidelberger. Nim dy boekjes de folgjende kear mei nei de gearkomste.

j. Freegje de tsjerkeried om in skriftlike notysje te meitsjen oer de rubriken Profyl en Struktuer fan HHelp. Ôfslute mei groepsgebed.

8. Achtste gearkomste, mei idem as 6.

(Téma: Belidenissen fan de eigen denominaasje, byg. de Grifformeard-Protestantske).

a o/m e itselde as by 1.

f. Lês mei alle oanwêzigen de sneinen 2 en 3 fan de Heidelberger Kategismus. Lit elk syn gedachten dêroer sizze; bring se yn diskusje. Nim de tiid der foar. Lês ek snein 52. Freegje om opmerkingen en de motivaasje dêrta. Pauze.

g. Lês meiinoar de Dordrechter Learregels, haadstik 5, artikelen 1 en 2. Freegje om opmerkingen oer "Dordrecht" en freegje om de motivaasje dêrta.

h. Lit elke groep in kertier diskusearje oer de fraach, oft har misjonêre tsjûgenis oerienstimme kin mei de Grifformeard-Protestantske belidenissen. Wat binne de kearnsaken dêrfan? Notearje de resultaten fan dy diskusjes, mar jou gjin kommentaar.

i. Draach as húswurk op, út Hânsume Help de rubriken Profyl en Struktuer te lêzen en thús trije oansprekkende eleminten op te skriuwen -- positive en negative; dy wurde de folgjende gearkomste besprutsen.

j. Freegje de tsjerkeried om dan mei in skriftlike notysje oer Profyl en Struktuer te kommen. Ôfslute mei groepsgebed.

9. Njoggende gearkomste, mei idem as 6.

(Téma: Profylskets nije Gemeenten; Struktuerskets nije Gemeenten).

a o/m e itselde as by 1.

f. Jou alle oanwêzigen in kertier tiid om út HHelp de rubriken Profyl en Struktuer troch te sneupen en lit dan elke dielnimmer yn noch in kertier op syn eigen papier trije dingen opskriuwe, dy't er dêrfan oernimme kin. Lit elk ien fan dy dingen oan de groep foarlêze, freegje om de motivaasje dêrta. Bring de punten yn besprek. Nim de tiid der foar, mar nim gjin beslissingen. Pauze.

g. Lit elk in profyl foar in nije Gemeente betinke en yn trije wurden opskriuwe. Lit elk se oan de groep foarlêze. Freegje om de motivaasje ta dy profilen. Lit dêrnei elk op syn eigen papier oankruse, hokker profilen it faakst neamd wurde. Lit elk dan trije profilen kieze, wannear't jim trije nije Gemeenten oprjochtsje wolle, twa yn gefal fan twa en ien yn gefal fan ien nije Gemeente. Besprek meiïnoar wat jim keazen hawwe en wêrom. Lit elk syn keazen profyl goed ûnthâlde. Sis dúdlik, dat der noch gjin beslissingen nommen wurde.

h. Kundigje oan, dat it yn de folgjende gearkomste it doel is, dat de groep yn in oantal espels útiengiet om nije breinstoarmgroepen te foarmjen foar it oprjochtsjen fan nije Gemeenten.

j. Freegje elk om safolle mooglik oare minsken mei te nimmen. It meie leden fan oare Tsjerken, Gemeenten en Wykgemeenten wêze. Freegje elk, oft er ferantwurdlikheid foar in nije breinstoarm op him nimme wol. Jou dit foarnimmen yn besprek.

k. Notearje, wa't har op dit stuit opjouwe as breinstoarmlieder, allinnich mar foar de earstfolgjende gearkomste. Hâld harren oan dizze tydlike beslissing en freegje harren om foar dy gearkomste de stof fan de earste gearkomste fan paragraaf C goed troch te nimmen. Ôfslute mei groepsgebed.

10. Tsiende gearkomste, mei safolle mooglik persoanen.

(Téma: Oanset ta mear breinstoarmgroepen).

a o/m e itselde as by 1.

f. Lit alle oanwêzigen útiengean yn safolle mooglik nije groepkes fan tsien persoanen, fan wa op syn minst trije persoanen, dy't oan de foarige breinstoarmdagen meidien ha.

Nim der de tiid foar. It doel is, dat se foar it oprjochtsjen fan trije, twa of ien nije Gemeente(n) in breinstoarm begjinne. Stel foar elke groep in lieder oan, leafst ien, dy't him de foarige kear derta opjûn hat en him der serieuus op taret hat. Stel ek yn elke groep in notulist oan foar it ferslach oan de tsjerkeried. Pauze.

g. Lit elke lieder mei syn groep de stof fan de earste gearkomste fan paragraaf C trochsneupe. Nim dêr in healoere foar en freegje dan oan alle groepen, oft se op eigen fuotten fierder gean wolle. Freegje om motivaasje fan de antwurden. Nim gjin beslissingen.

h. Freegje alle notulisten om twa koarte evaluaasjer rapporten op te stellen foar de folgjende kear, ien foar har eigen groepke en ien foar alle breinstoarmdielnimmers. (Heechút ien kantsje A4-papier mei lettergrutte 12 per rapport)

h. Diel mei, dat jim mei de resultaten fan hjoed nei de tsjerkeried ta sille. Meitsje in eigen stappeplan. Lis oan him jim eigen stappeplan foar. Lit him der oer diskusearje, de resultaten publisearje yn it tsjerkeblêd, in Gemeentegearkomste útskriuwe, mar oars noch gjin beslissingen nimme.

Ôfslute mei groepsgebed.

11. Alfte gearkomste, mei idem as 10.

(Téma: Tsjerkeried beleid Gemeentegearkomsten en nimt beslissingen).

a o/m e itselde as by 1.

f. Lit de notulisten fan alle groepen har evaluaasjer rapport foarlêze, wêr't de tsjerkeried by is mei alle dielnimmers fan de breinstoarm.

Tsjerkeried beleid dêrnei in rige Gemeentegearkomsten neffens jim stappeplan, nimt dan de beslissingen en ynstallearret trije, twa of ien nije tsjerkeried(en), yn oerlis mei de regionale tsjerkefergearing (meastal in klassis).

Ôfslute mei groepsgebed.

12. Tolfte gearkomste, mei idem as 10.

(Téma: Noflik en kritysk weromsjen op gong fan saken oant no ta).

a o/m e itselde as by 1.

f. Wat men op tafel bringe wol.

Ôfslute mei groepsgebed.

MOTIVAASJEMETOADEN

III. GEMEENTEJÛNEN HÂLDE

WANNEAR'T TSJERKERIED EN GEMEENTE
IT NET MEINOAR IENS BINNE
EN DER EARST STEVICH OER PRATE WOLLE.

MOTIVAASJEMETOADEN

III. GEMEENTEJÛNEN HÂLDE

YN DIZZE GEMEENTE HAT DE TSJERKERIED AL IN BESLÚT NAAM TA OPRJOCHTING FAN NIJE GEMEENTEN

Yn dizze rubryk giet it om Gemeenten,
dêr't de tsjerkeried al in beslút ta nije Gemeentefoarming
nommen hat, mar de Gemeente noch net oertsjûge is.

Nim in jier tiid foar dizze tarieding.

In protte Gemeenten sille pas nei dit oerlis
mei nije Gemeentefoarming begjinne kinne.

De rubriken PROFYL en STRUKTUER moatte ek goed besjoen wurde.
Oare Gemeenten ha miskien mear ferlet fan Motivaasje I en/of II.

OERLIS MEI DE BESTEANDE GEMEENTE Acht Gemeentegearkomsten

OERLIS MEI DE GEMEENTELEDEN

ACHT GEMEENTEGEARKOMSTEN

foar de oprjochting fan nije gemeenten

Opmerking:

Yn Gemeenten, wêr't de ideeën al libje, kin men mei minder gearkomsten ta.

Prinsipe:

Mattéus 23:1-12. De learlingen fan de Messias Jezus ha ien Master en binne allegearre broers (en susters). Se ha ien Heit en ien Liedsman. Dat ha de apostelen en de earste Gemeenten útkomme litten yn 'e Gemeentegearkomsten (Hannelingen 1:15-26; Hann. 15:22; en soartgelyks yn 1 Korintiërs 5:1-5; 2 Kor. 5:5-7).

Set de ûndersteande meidielingen yn in tsjerkeblêd of sneinsbrief en hâld de meidielingen yn de earetsjinst koart.

*** Notearje yn Tsjerkeblêd of sneinsbrief:**

"De tsjerkeried wol mei de Gemeente yn oerlis gean om te kommen ta it foarmjen fan nije Gemeenten en sadwaande in 'Memmegemeente' te wurden. Wy tinke oan in rige Gemeentegearkomsten, elk mei trije moanne tuskentiid." Of soks.

Alle oankundigingen oan de Gemeente sille plak fine op de sneinen foardat de Gemeentegearkomsten hâlden wurde sille. Se kinne begjinne mei de formule: "De tsjerkeried hat de neikommende meidieling oan de Gemeente".

(Men kin in Gemeentegearkomste op de folgjende manier struktuer jaan:

a. ûntfangst mei kofje/tee -- 15 minuten --.

b. Lês in stik út it Wurd fan jim Hear oer Gemeentefoarming, bygelyks út de brief oan de Efeziërs.

c. Freegje Him om by jimme te wêzen.

d. Stel jim oan inoar foar ("hoe hite jim; wêrom dogge jim hjir oan mei?")

e. Lit elk in stik papier en in pinne krije om te skriuwen en te bewarjen.

f. Jou in ynliding op de matearje fan de gearkomste, bygelyks mei de neifolgjende wurden:

De ferkundiging fan it Evangeelje en it útdragen dêrfan yn 'e wrâld is neffens de Bibelskriuwers in opdracht fan ús Hear Jezus Kristus, en dus in prioriteit neist diakonaat, pastoraat en behear. De opdracht fan ús Hear is om syn ferlossende boadskip te ferkundigjen oan alle folken.

De ferkundiging hat yn ús eigen lân tydlik troch alderhande oarsaken oan krêft ferlern. Mar troch ús foargonger, tsjerkeried en Gemeenteleden is in tal nije mooglikheden op tafel lein, dy't liede kinne ta it berikken fan mear minsken yn ús omkriten.

Út dy mooglikheden hat de tsjerkeried in seleksje makke, dy't oan de oarder komme sille.

g. Slút de gearkomste ôf mei in liet, gedicht, gebed of groepsgebed.)

1. Op de earste snein: Tsjerkeried wol ûndersyk ynstelle

Meidieling yn tsjerkeblêd of sneinsbrief:

De tsjerkeried hat besluten, in ûndersyk dwaan te litten nei de mooglikheid foar ús Gemeente om de Memmegemeente te wurden foar ien of mear dochter-,

suster- en adopsjegemeenten.

Der komt dus in ûndersyk ûnder de Gemeenteleden mei de fraach, oft leden fan ús Gemeente lieding jaan wolle oan in nije Gemeente. Tagelyk komt ek de fraach, oft groepen fan bûten de Gemeente har troch ús Gemeente adoptearje litte wolle ta adopsjegemeenten, allegearre mei itselde of mei in oar Kristlik profyl.

Ta dat ûndersyk hat de tsjerkeried in ûndersykskommisje ynsteld mei leden út alle ûnderdielen fan ús Gemeente. Dêr hearre ek gastleden en tsjerkefreonen by, dy't al oanjûn ha, dat se in dochter-, suster-, adopsje- of selsstannige Gemeente foarmje wolle. Se hawwe har al eigen makke mei de stof fan de rubriken Profyl en Struktuer út de Hânsume Help.

Dizze ûndersykgroep sil moarn begjinne mei in enkête yn de Gemeente. Jim kinne dus fan 'e wike leden fan dy groep by jim oan 'e doar ferwachtsje. As se by jim komme, wolle jim harren dan hertlik te wurd stean en jim miening bekend meitsje ?

Oer fjouwer wiken, D.V., sil dizze groep har ûndersyksresultaten en advizen oan de tsjerkeried foarlizze. Oer trije moanne wol de tsjerkeried dat mei wat kanttekeningen oan de Gemeentegearkomste foarlizze, dy't wy hoopje te hâlden op:

.....-dei,-....., om oere, yn gebou

Nei dat oerlis mei de Gemeentegearkomste sil de tsjerkeried oan de ûndersykgroep freegje, de resultaten út te wurkjen ta in konsept foar in beliedsplan, dat oan in lettere Gemeentegearkomste foarlein wurde sil, in lytse trije moanne nei dizze earste.

Alle leden – belidende en doopleden –, gastleden en tsjerkefreonen wurde fersocht te kommen foar dit earste oerlis. De tsjerkeried sil ek ús bûtentsjerklike stipers en bidders skriftlik útnoegje.

De tsjerkeried freget de Gemeente om de Heare God te bidden en te freegjen om syn miening en lieding yn dizze saken.

(De algemiene tsjerkeried en de klassis krije in skriftlike útnoeging).

(Kin oerslein wurde: De tsjerkeried sil mei de tsjerkerieden fan de op te rjochtsjen nije Gemeenten oan de klassis freegje om se te erkennen as selsstannige Gemeenten yn ús tsjerkeferbân. Mei de oantekening lykwols, dat adopsjegemeenten de frijheid krije om mei alles, dat se mei ús help opboud ha, werom te gean nei it plak, dêr't se út wei kommen binne, of nei in oar plak en in oare posysje, dêr't se har taken as Gemeente fan Kristus it meast gaadlik útfiere kinne. Salang as dy erkenning der net is, bliuwe de nije Gemeenten in ûnderdiel fan de Memmegemeente.)

2. Trije moanne letter: Foarstel fan de ûndersykskommisje komt yn stemming.

Yn de Gemeentegearkomste fan trije moanne lyn is in rûge skets besprutsen fan de mooglikheden om – tewille fan in grutter berik fan de Evangeeljeferkundiging ûnder de net-tsjerklike folksgenoaten – nije wegen yn te slaan. De opsje waard besprutsen om fan ús Gemeente in Memmegemeente te meitsjen foar ien of mear nije Gemeenten.

Nei dy gearkomste hat de tsjerkeried oan de ûndersyksgroep frege, de rûge skets út te wurkjen ta in konsept foar in beliedsplan, dat foarlein wurde sil oan de Gemeentegearkomste fan nije wike.

Dizze gearkomste is allinnich ornearre foar ús eigen belidende en doopleden.

As de Gearkomste it foarstel ôfwiist – as der dus gjin tachtich persint foar is –, sil de tsjerkeried de ûndersyksgroep freegje om in nij konsept foar te lizzen oan de dêrop folgjende Gemeente-gearkomste, in lytse trije moanne letter. Yn dy gearkomste sil dan in beslút nommen wurde by gewoane mearderheid fan de útbrochte jildige stimmen.

Wannear't de Gemeentegearkomste it foarstel oannimt, sil de tsjerkeried in taakgroep ynstelle foar de oprjochting en begelieding fan ien of mear dochter-, suster-, adopsje- of selsstannige Gemeenten. Yn dy taakgroep sille in oantal fan ús eigen (doop- en belidende) leden útnoege wurde en in tal gastleden en tsjerkefreonen. De tsjerkeried sil ek ús bûtentsjerklike stipers en bidders skriftlik útnoegje.

De tsjerkeried freget de Gemeente om de Heare God te bidden en te freegjen om syn miening en lieding yn dizze saken. De Gemeentegearkomste is steld op nije wike-dei,-....., om oere, yn gebou
.....

3. Wer letter: Foarstel is ferwurpen; der komt no in nij foarstel..

Yn de Gemeentegearkomste fan trije moanne lyn is it konsept foar in beliedsplan, troch de ûndersykskommisje opsteld, net troch tachtich persint fan 'e stimhawwende Gemeenteleden oannommen. De tsjerkeried hat dêrom oan de ûndersyksgroep frege om in nij konsept foar te lizzen oan de Gemeentegearkomste fan nije wike. Dizze gearkomste is allinnich ornearre foar ús eigen Gemeenteleden (belidende en doopleden).

As it nije konsept dan mei in gewoane mearderheid fan de útbrochte jildige stimmen oannommen wurdt, hat ús Gemeente dêrmei besluten om in Memmegemeente te wurden fan ien of mear dochter-, suster-, adopsje- of selsstannige Gemeenten. Dat wurdt dan in fêst doel fan de Gemeente mei in hege prioriteit op de wurklisten fan de tsjerkerieds- en Gemeentegearkomsten.

Dêrom sil de tsjerkeried dan daliks nei dy gearkomste in taakgroep oprjochtsje foar de oprjochting en begelieding fan nije Gemeenten. Yn dy taakgroep sille

leden fan de tsjerkeried, fan alle besteande kommisjes en oare Gemeenteleden sitting ha en dêrneist in tal gastleden en tsjerkefreonen. Benammen wurde der minsken foar frege, dy't al útsprutsen ha, dat se oan in nije Gemeente lieding jaan wolle en ek leden, dy't mei groepen fan bûten de Gemeente kontakt hawwe en witte, dat dy adoptearre wurde wolle. It earst sil omtinken jûn wurde oan in provisoarysk finansieringsplan foar de nije Gemeenten.

De taakgroep sil fjouwer wiken letter it provisoaryske finansieringsplan earst mei de tsjerkeried besprekke en dan oer trije moanne oan de Gemeentegearkomste in konsept fan in stappeplan foarlizze.

De tsjerkeried fersiket de Gemeente wer om de Heare God te bidden en te freegjen om syn miening en lieding yn dizze saken.

Notearje alfêst de Gemeentegearkomste fan nije wike:-dei,-.....
.....-....., om oere, yn gebou Allinnich ús eigen doop- en belidende leden wurde ferwachte.

4. Foarstel is oannommen; in taakgroep komt mei konsept foar stappeplan.

Yn 'e Gemeentegearkomste fan trije moanne lyn is besluten, dat ús Gemeente in Memmegemeente wurde wol fan ien of mear nije Gemeenten. Dêr sil hege prioriteit oan jûn wurde op de wurklisten fan tsjerkeried en Gemeentefergearing.

De tsjerkeried hat dêrnei in brede taakgroep oprjochte, dêr't ûnder oare ek leden yn sitte, dy't al útsprutsen ha, dat se oan in nije Gemeente lieding jaan wolle en ek leden, dy't mei groepen fan bûten de Gemeente kontakt hawwe en witte, dat dy adoptearre wurde wolle.

De taakgroep wol nije wike oan de Gemeente in konsept fan in stappeplan foarlizze.

As de Gearkomste it konsept ôfwiist – as it dus gjin tachtich persint fan de útbrochte jildige stimmen krijt –, sil de tsjerkeried oan de taakgroep freegje, in nij konsept foar te lizzen oan de Gemeentegearkomste fan trije moanne letter. Yn dy Gearkomste sil dan in gewoane mearderheid genôch wêze om it nije konsept definityf oan te nimmen.

As de Gearkomste it konsept-stappeplan lykwols mei in mearderheid fan tachtich persint fan de útbrochte jildige stimmen oannimt, sil de tsjerkeried oan de taakgroep freegje, in definityf stappeplan foar te lizzen oan de Gemeentegearkomste fan trije moanne letter.

(De tsjerkeried sil oer dizze foarnimmens de algemiene tsjerkeried en de klassis ynljochtsje.)

De tsjerkeried freget de Gemeente om de Heare God te bidden en te freegjen om syn miening en lieding yn dizze saken.

De earstfolgjende Gemeentegearkomste is nije wike-dei,-.....

.....-....., om oere, yn gebou Dizze gearkomste is allinnich ornearre foar ús eigen doop- en belidende leden.

5. Taakgroep komt mei nij stappeplan.

Yn ´e Gemeentegearkomste fan trije moanne lyn is besletten, dat de taakgroep foar de foarming en begelieding fan nije Gemeenten in nij stappeplan opstelle soe.

Ek sil socht wurde om in mentoargroep, in foldwaande finansjeel fermogen en in gebou foar de earetsjinsten en oare gearkomsten en aktiviteiten.

Mentoaren sille socht wurde ûnder de tsjintwurdige en foarige tsjerkeriedsleden en mooglik oare Gemeenteleden mei bypassende bekwaamheden.

De tsjerkeried hat it stappeplan besprutsen en wol it no foarlizze oan de Gemeentegearkomste fan nije wike.

Dizze gearkomste is allinnich ornearre foar ús eigen Gemeenteleden.

Foar it definityf oannimmen fan dit nije stappeplan is in gewoane mearderheid nedich fan de útbrochte jildige stimmen.

As it nije stappeplan definityf oannommen wurdt, sil de tsjerkeried mei de taakgroep oergean ta it stap foar stap ynstellen fan ien of mear dochter-, suster-, adopsje- of selsstannige Gemeenten. De earste stap sil D.V. wêze, dat de tsjerkeried moarn in útnoeging stjoert oan de Gemeenteleden, gastleden en tsjerkefreonen, dy´t oanjûn ha, dat se oan in nije Gemeente lieding jaan wolle, en ek dy´t kontakt ha mei groepen bûten de Gemeente, dy´t troch ús Gemeente adoptearre wurde wolle.

Se sille in útnoeging krije foar in besprekking oer fjouwer wiken om konkreet foar eagen te krijen, hoe´t de nije Gemeenten der útsjen wolle. Dus wurde yn dy besprekking in tal profilen fan ´e nije Gemeenten opsteld mei help fan ´e taakgroep.

Dêr sille alle leden fan ús Gemeente by oanwêzich wêze meie en ek de gastleden en tsjerkefreonen. De tsjerkeried sil ek ús bûtentsjerklike stipers en bidders skriftlik útnoegje (en ek de algemiene tsjerkeried).

De tsjerkeried freget de Gemeente om de Heare God te bidden en te freegjen om syn miening en lieding yn dizze saken.

Wy lizze it definitive stappeplan oan ús eigen doop- en belidende leden foar op nije wike-dei,-....., om oere, yn gebou
.....

6. De Gemeente wurdt omfoarme ta Memmegemeente.

Yn de Gemeentegearkomste fan trije moanne lyn is it definitive stappeplan oannommen fan de taakgroep foar de foarming en begelieding fan ien of mear nije Gemeenten. Fjouwer wiken letter hat de tsjerkeried in besprekking hân mei de Gemeenteliden, gastleden, tsjerkefreonen, stipers en bidders fan bûten de tsjerke, dy't har beskikber steld ha foar in taak yn ien of mear nije Gemeenten. Dêrby binne in oantal profilen op papier set foar dy nije Gemeenten. De tsjerkeried wol de Gemeente byienroppe foar in alhiel nije fase yn it bestean fan de Gemeente. Dêrom wurde alle leden, gastleden en tsjerkefreonen útnoege foar in brede Gemeentegearkomste yn de nije wike. De tsjerkeried sil ek ús bûtentsjerklike stipers en bidders skriftlik útnoegje. (En ek de algemiene tsjerkeried en de klassis sille skriftlik útnoege wurde.)

Dêr kinne de opstelde profilen foar ien of mear dochter-, suster-, adopsje- en selsstannige Gemeenten troch de oanwêzigen hifke wurde. De oanwêzigen kinne oan de taakgroep advizen meijaan oer mooglike ferbetteringen yn de profilen.

Allegearre, dy't yn in nije Gemeente in liedende funksje op har nimme wolle, wurde dêr ferwachte. Se kinne har oanmelde as kandidaat foar tsjerkeriedslid en as kandidaat foar taakgroeps-, kommisje- en wurkgroepslid. De oanmeldingen sille noteare wurde.

Ek sil socht wurde om in mentoargroep, in foldwaande finansjeel fermogen en in gebou foar de earetsjinsten en oare gearkomsten en aktiviteiten. Mentoaren sille socht wurde ûnder de tsjintwurdige en foarige tsjerkeriedsleden en mooglik oare Gemeenteliden mei bypassende bekwaamheden.

Der sille yn dy brede Gemeentegearkomste gjin definitive besluten naam wurde. Trije moanne letter sil de foarming fan de nije Gemeenten op 'e nij besjoen en útboud wurde. Se kinne dan provisoarysk ynstalleare wurde. Op de dei fan de provisoaryske ynstallaasje sille alfêst in taakgroep presintearje foar de foarming en begelieding fan wer nije dochter- en adopsjegemeenten. Dêroan te wurkjen sil ien fan har earste prioriteiten wêze en in fêst punt op de wurklisten fan har tsjerkerieds- en Gemeentegearkomsten.

As de provisoaryske Gemeenten der werkelik komme, sille se har meiïnoar ferbine om binnen trije moanne dêrnei ta in definitive ynstallaasje te kommen en dan wer trije moanne letter in mienskiplike tank- en gebedstsjinst te hâlden mei de Memmegemeente en in sosjaal kontakt dêrop folgjend.

Notearje earst de datum fan de brede Gemeentegearkomste fan nije wike:
.....-dei,-....., om oere, yn gebou

De tsjerkeried freget de Gemeente om oanhâldend de Heare God te bidden en te freegjen om syn miening en lieding yn dizze saken.

7. De nije Gemeenten wurde provisoarysk ynstallearre.

Sûnt de Gemeentegearkomste fan trije moanne lyn ha foldwaande Gemeenteliden har kandidaat steld foar in liedende funksje yn de nij te foarmjen Gemeenten.

Der binne foar elke op te rjochtsjen nije Gemeente mear as acht kandidaat-tsjerkeriedsleden, mear as tweintich taakgroeps-, kommisje- en wurkgroepsleden, foldwaande mentoaren en foldwaande finansjele middels foar beropsmeiwurkers en in gebou foar de earetsjinsten en oare gearkomsten en aktiviteiten. Ek binne der mear as tsien kandidaten foar in taakgroep foar de foarming en begelieding fan wer nije dochter-, suster-, adopsje- of selsstannige Gemeenten, en dêroan te wurkjen sil ien fan har earste prioriteiten wêze en in fêst punt op de wurklisten fan har tsjerkerieds- en Gemeentegearkomsten.

Ek ha de kandidaten foar de oansteande nije Gemeenten har meiïnoar ferbûn om nei de definitive ynstallaasje binnen trije moanne in mienskiplike tank- en gebedstsjinst te hâlden mei de Memmegemeente en in sosjaal kontakt, dêrop folgjend.

De earstkommende trije moanne lykwols sille de kandidaten yn har provisoaryske posysjes neigean, oft de nije Gemeenten libbensfetber binne. As dat goed liket te wêzen, sil de definitive ynstallaasje hjoed oer trije moanne plakfine, D.V.

(De tsjerkeried sil mei de tsjerkerieden fan de nije Gemeenten oan de algemiene tsjerkeried en de klassis freegje om harren te erkennen as selsstannige Gemeenten yn ús tsjerkeferbân, mei de oantekening, dat adopsjegemeenten de frijheid krije om mei alles, dat se mei ús help opboud ha, werom te gean nei it plak en de posysje, dêr't se út wei kommen binne, of nei in oar plak en in oare posysje, dêr't se har taken as Gemeente fan Kristus it meast gaadlik útfiere kinne.

Salang as dy erkenning der net is, bliuwe de nije Gemeenten in ûnderdiel fan de Memmegemeente. De adopsje- en selsstannige Gemeenten binne fansels frij.)

De tsjerkeried noaget no de hiele Gemeente – leden, gastleden, tsjerkefreonen en oaren – út om yn de Gemeentegearkomste fan nije wike oer te gean ta de provisoaryske ynstallaasje fan in-tal dochtergemeenten, in-tal suster-, in-tal adopsje- en in-tal selsstannige Gemeenten.

De tsjerkeried sil ús bûtentsjerklike stipers en bidders skriftlik útnoegje. (En ek de sintrale tsjerkeried en de klassis sille skriftlik útnoegje wurde.)

In lytse trije moanne letter wolle wy dizze provisoaryske Gemeenten definityf

ynstallearje.

De tsjerkeried freget de Gemeente wer om de Heare God te bidden en te freegjen om syn miening en fierdere lieding yn dizze saken.

De datum foar de earstfolgjende Gemeentegearkomste is nije wike-dei,-....., om oere, yn gebou

8.a. Definitive ynstallaasje kin noch net plakfine.

Yn de Gemeentegearkomste fan trije moanne lyn binne provisoarysk ien of mear nije Gemeenten ynstallearre. Mar it earste begjin derfan wiist neffens de tsjerkeried, de taakgroep en de belangjende Gemeenteleden net op libbensfetberheid .

Dêrom hawwe se meiïnoar besluten, de definitive ynstallaasje fan de nije Gemeente(n) in jier foarút te skowen.

(De sintrale tsjerkeried en de klassis sille hjiroer ynljochte wurde)

As der fragen of suggestjes fan Gemeenteleden binne, dy't fierder helpe kinne, wol de tsjerkeried dy graach yn ûntfangst nimme.

De tsjerkeried freget de Gemeente om de Heare God op 'e nij te bidden en te freegjen om syn miening en lieding yn dizze saken.

8.b. Definitive ynstallaasje kin trochgean.

Yn de Gemeentegearkomste fan trije moanne lyn binne provisoarysk ien of mear dochter- en adopsjegemeenten ynstallearre. It earste begjin dêrfan wiist neffens de tsjerkeried, de taakgroep en de belangjende Gemeenteleden op libbensfetberheid.

Se hawwe elk al in eigen taakgroep oprjochte foar de foarming en begelieding fan wer nije Gemeenten, dy't de deis fan de ynstallaasje presintearre wurde sil. Dêroan fierder te wurkjen sil ien fan har earste prioriteiten wêze en in fêst punt op de wurklisten fan har tsjerkerieds- en Gemeentegearkomsten.

Ek ha de tsjerkerieden fan de no te ynstallearjen nije Gemeenten har meiïnoar ferbûn om binnen trije moanne nei de definitive oprjochting in mienskiplike tank- en gebedstsjinst te hâlden mei de Memmegemeente en in sosjaal kontakt, dêrop folgjend. Omwille fan de útwreiding fan Gods Keninkryk yn ús omkriten, ús lân en yn de wrâld; om de ferkundiging fan Gods Wurd en it tsjûgenis fan Jezus.

Dêrom noget de tsjerkeried de hiele Gemeente – leden, gastleden, tsjerkefreonen, bûtentsjerklike stipers en bidders – út foar in feestlike Gemeentegearkomste om oer te gean ta de definitive ynstallaasje. De

tsjerkeried sil ús bûtentsjerklike stipers en bidders en ek de boargerlike oerheden skriftlik útnoegje. (En ek de algemiene tsjerkeried en de klassis sille skriftlik útnoegje wurde.)

As de Heare wol, sil de definitive ynstallasje plak fine op nije wike-dei,-....., om oere, yn gebou

De tsjerkeried sil mei de tsjerkerieden fan de nije Gemeenten oan de algemiene tsjerkeried en de klassis freegje om harren te erkennen as selsstannige Gemeenten yn ús tsjerkeferbân, mei de oantekening, dat adopsjegemeenten de frijheid krije om mei alles, dat se mei ús help opboud ha, werom te gean nei it plak en de posysje, dêr't se út wei kommen binne, of nei in oar plak en in oare posysje, dêr't se har taken as Gemeente fan Kristus it meast gaadlik útfiere kinne. Salang as dy erkenning der net is, bliuwe de nije Gemeenten in ûnderdiel fan de Memmegemeente. De adopsje- en selsstannige Gemeenten binne fansels frij.

De tsjerkeried sil mei de tsjerkerieden fan de nije Gemeenten ek nei de boargerlike oerheden om harren registrearje te litten as nije tsjerklike Gemeenten.

Hoewol't de tsjerkeried, de taakgroep en de Gemeentegearkomste de yndruk ha, dat de Heare God oant no ta syn segen en syn lieding jûn hat oan de gong fan saken yn dizze nije Gemeentefoarming en Him dêr tankber foar is, wol de tsjerkeried dochs útdruklik oan de Gemeente freegje om troch te gean mei de Heare God te freegjen om syn miening en fierdere lieding by de ôfhanneling fan dizze saken en ek nije wike mei syn Hillige Geast yn de ynstallaasjegearkomste te wêzen mei in bliuwende segen.

Allegearre wolkom yn de feestlike ynstallaasjegearkomste nije wike op-dei,-....., om oere, yn gebou

PROFYL

PROFYLBEPALING FAN DE NIJE GEMEENTEN

WAT WOL DIZZE MIENSKIP WÊZE ?

oriïntaasjepunten
modellen foar taakgroepen
kommisjes en wurkgroepen
yntekenlisten
tekst foar besitekaart/-brief

GEMEENTEGEARKOMSTEN

har rjochten en taken

PROFYLBEPALING

fan in nije Gemeente:

WAT WOL DIZZE NIJE GEMEENTE WÊZE ?

Lit in nije ûndersykskommisje troch de nije Gemeente gean mei fragen en hâld dêrnei in oantal Gemeentegearkomsten

IDENTITEIT:

Oriïntaasjepunten:

A: Koarte formulearring opstelle yn trije wurden en yn it kiezen fan in namme.

B: ûndersteande list mei útwindige kenmerken.

C: Dêrûnderfolgjende punten foar ynwindige kenmerken.

A.a.: Koarte gearfetting fan de identiteit yn trije wurden, fêst te stellen troch Gemeente yn in oantal Gemeentegearkomsten:

1. ...

2. ...

3. ...

A.b. De namme fan dizze mienskip, fêst te stellen troch de Gemeente: ...

B: Útwindige kenmerken, te besprekken yn Gemeentegearkomsten:

De mienskip:

De Kristlike mienskip (namme:),

fêstige yn 'e boargerlike Gemeente (namme:),

wol neamd wurde: in Mienskip/Parochy/Gemeente/Tsjerke.

Se stiet op harsels / is oansluten by / is in ûnderdiel fan it hjir te neamen

Tsjerkeferbân:

Se wol bestjoerd wurde as: episkopaal/synodaal-presbyteriaal/presbyteriaal-synodaal/kongregasjoneel/ôfhinklik fan lokale lieder

De oarsaak fan har ûntstean is:

Har leauwe:

Se sjocht op God, de Heit en Skepper, as har

Se sjocht op Jezus fan Nazaret as har

Se sjocht op de Hillige Geast as har

De Bibel is foar har in boek mei hillige skiednissen, lieten en learingen mei it beslissende gesach oer har tinken, fielen en dwaan foar hjoed en letter/oars, te witten

Yn har belied beslist it Nije Testamint / it NT en it AT beide / beslist net de Bibel, mar

De deuterokanonike ofwol apokryfe Bibelboeken binne foar har

Har wrâld:

Gods skeppings- en ûnderhâldswurk is foar har

It doel fan it minske-wêzen is neffens har

Mei har doarp/stêd/wyk/gea hâldt se kontakt troch

Mei de boargerlike oerheden hâldt se kontakt troch

De boargemaster/it wykhaad betinkt se elk jier mei in presintsje op syn/har jierdei. Ja/Nee.

Mei helpferliene ynstânsjes yn har krite hâldt se kontakt troch

Mei byldbepalende ynstânsjes hâldt se kontakt troch

As op in bepaald mêd gjin organisaasje bestiet, stimulearret se de Gemeenteleden ta it oprjochtsjen fan in Kristlike organisaasje foar dat doel. Ja/nee.

Har fiertaal is Frysk/Nederlânsk/Dútsk/Poalsk, oars, te witten:

Har belidenis:

De oekumenyske belidenissen (Apostolikus, Nicénum, Athanasius) besjocht se as

Se makket wol/net in ûnderskied yn it belang tusken dy trije, te witten

De Luterske Augsburger Konfesje, de Grutte en Lytse Kategismus fan Luther besjocht se as

Se makket wol/net in ûnderskied yn it belang fan dy trije, te witten

De Kalvinistyske Heidelberger Kategismus, Ned. Geloofsbelidenis (Belgica) en Dordrechter Learregels besjocht se as

Se makket wol/net in ûnderskied yn it belang fan dy trije, te witten

Se hat oare belidenisskriften, te witten

Se besjocht dy belidenissen as

Se hat gjin belidenisskriften, mar

Se jout de Gemeenteleden romte foar persoanlike belidenissen ûnder/neist/boppe/sûnder de niiskrekt neamde belidenisskriften.

Har oekumene:

Se leit kontakten mei Mienskippen/Gemeenten/Tsjerken/Parochys yn de Dútske Fryslannen / oare lannen yn Europa fan deselde belidenis / fan oare belidenis.

Se leit kontakten mei Mienskippen/Gemeenten/Tsjerken/Parochys yn ûntwikkelingslannen fan deselde belidenis / fan oare belidenis.

Se adoptearret projekten foar helpferliening yn eigen omkriten / eigen lân / oars earne.

Har earetsjinsten:

Har earetsjinsten hawwe as doel:

Yn har earetsjinsten binne in tal fêste ûnderdielen, te witten

Fariabele ûnderdielen en/of ymprovisaasjes binne yn har earetsjinsten wol/net mooglik. Gemeenteleden dogge yn de earetsjinsten mei as

Har tsjerkoarder:

De tsjerke-oarder fan har Tsjerkeferbân besjocht se as

Binnen dy tsjerke-oarder hat se alle frijheid fan mieningsutering / fan besit / is se frij om alles te dwaan, dat se as mienskip wol / se hat gjin tsjerke-oarder.

Se stipet har leden om oan de hegere tsjerklike organen aktyf mei te dwaan.

Ja/Nee.

Har Gemeentegearkomsten hawwe as doel:

By har Gemeentegearkomsten noaget se wol/net bûtensteanders út.

Se siket om liederen, dy't Se siket om leden, dy't

Har doel:

As algemiene doelstelling hat se

Foar diakonaat stribbet se nei

Foar pastoraat stribbet se nei

Foar ferkundiging stribbet se nei

Oare spesifike doelstellingen:

Foar aktivearring fan leden docht se

Foar aktivearring fan oaren docht se

Har adres is

C: Ynwindige kenmerken fan identiteit, te besprekken yn

Gemeentegearkomsten:

Húsbesiken docht se – sjoch tekst foar besitekaartsje, bylage 3.

a. by probleemadressen (sykten, earmoed, skelen) *bûten* de Gemeente:

a.a. troch diakenen: kear jiers;

a.b. pastorale assistinten: kear jiers;

a.c. troch âlderlingen: kear jiers;

a.d. troch de foargonger

b. Idem: *binnen* de Gemeente.

Foar taakgroepen, kommisjes, wurkgroepen: sjoch fierderop.

Idem foar Gemeentegearkomsten;

Selspresintaasje/Foarstelling fan de Gemeente – sjoch bylage 3.

Téma's foar de ferkundiging/Heidelberger téma's – sjoch HHelp, diel 5.

Amtsdragers, apostoalske tradysje – sjoch HHelp, diel 4.

Doop; Belidenis; Nachtmiel; Houlik; Arbeid; Sneinske Earetsjinst.

TAAKGROEPEN, KOMMISJES EN WURKGROEPEN

YNLIEDING:

Doel fan it Gemeentelibben is: God earje en minsken by Him bringe foar har behâld. By it Gemeentelibben heart solidariteit mei alle oare Kristenen en meilibjen mei alle oare minsken, sawol yn en bûten de eigen Tsjerke as yn en bûten eigen lân.

De Tsjerkeried sil mei de Gemeente fêststelle, hokfoar aktiviteiten yn har fermidden te réalisearjen binne. Oan de hân dêrfan wurdt dan in list fan taakgroepen opsteld, dêr't de leden op yntekenje kinne.

Taakgroep foar de Koördinaasje:

De earste taakgroep, dy't troch de tsjerkeried ynsteld wurdt, is de Taakgroep foar de Koördinaasje; dêr sille tsjerkeriedsleden en liedingjaande Gemeenteleden in sit yn krije neist oare minsken.

De earste taakgroep, dy't daliks dêrnei troch de tsjerkeried ynsteld wurdt, is dy, dy't it bysûndere doel fan elke Plusgemeente tsjinnet: harsels te fermearderjen mei nije dochter-, suster-, adopsje- en selsstannige Gemeenten. Dit kin in grutte kloft wurde; se kin los fan de koördinaasjetaakgroep wurkje, mar moat der wol goed oerlis mei hâlde.

Dêrnei sil de koördinaasjetaakgroep nije taakgroepen ynstelle, dy't elk in beheinder doel ha, bygelyks gebedswurk, stúdzjewurk of hânwurk. Dizze beheindere taakgroepen kinne kommisjes en wurkgroepen ynstelle foar detailsaken. (Modellen foar dy taakgroepen wurde fierderop neamd.)

De wurkgroepen sille geregeld ferslach jaan oan har kommisjebestjoer, de kommisjes oan har taakgroepbestjoer en de taakgroepen oan de tsjerkeried. De tsjerkeried kin in koarte en dúdlike regeling foar ferslachjouwing opstelle.

As ien fan dy gremiums dingen docht, dy't de wurksomheden fan oaren hinderje, sil de koördinaasjetaakgroep mei harren en mei de tsjerkeried oerlizze.

Kommisjes en wurkgroepen:

Fan kommisjes en wurkgroepen kin elkenien lid wurde.

De tsjerkeried kin oan minsken, dy't lid fan de Gemeente wurde wolle, de dielnimming oan in wurkgroep of kommisje as betingst stelle om har goed yn te wurkjen yn de wêzenskenmerken fan de Gemeente.

In list fan taakgroepen, kommisjes en wurkgroepen kin der útsjen, lykas hjirûnder neamd wurdt. De rûntsjes om krúskes yn te setten foar yntekening binne alfêst oanbrocht.

Omdat de list te lang is foar ien Gemeente, sil de koördinaasjetaakgroep earst in seleksje meitsje fan de needsaaklike wurksomheden en dy yn in listke sette.

Dan kinne de oare Gemeenteleden, aspirant-, gastleden, Tsjerkefreonen en fierdere belangstellenden wer in seleksje meitsje fan wurkgroepen, dêr't se yn meiwurkje wolle.

MODELLEN FOAR TAAKGROEPEN:

Opmerking: Gjin inkelde gemeente kin op harsels alle taken behertigje. Eltse gemeente kin mar it bêste twa of trije taakgroepen foar harsels selektarje en de oare taakgroepen oan oare gemeenten oerlitte. It is fansels ek mooglik, dat gemeenten in oantal taken mienskiplik útfiere sille en yn de taakgroepen leden fan mear as ien gemeente opnimme. Kommisjes en wurkgroepen kinne fansels altyd mei oare gemeenten dield wurde.

1. DE TAAKGROEP FOAR DE KOÖRDINAASJE HAT AS EARSTE PRIORITEIT:

It ynstellen fan de "grutte taakgroep"; dêrnei stelt se oare taakgroepen yn.

2. DE GRUTTE TAAKGROEP: taakgroep foar de oprjochting en begelieding fan dochter-, suster-, adopsje- en selsstannige Gemeenten.

3. OARE.

YNTKENBLÊD FOAR DIELNAMME OAN TAAKGROEPEN:

(yntekenblêden foar dielname oan kommisjes en wurkgroepen:
sjoch bylagen)

Ynskriuwers foar taakgroepen kinne allinnich belidende leden fan dizze Gemeente wêze en gastleden. Se wurde selektarre troch de tsjerkeried neffens regels, dy't opsteld binne mei de Gemeentegearkomste.

Meitsje maksimaal twa rûntsjes swart.

- A. Taakgroep foar de Koördinaasje.
- B. Taakgroep foar Oprjochting en Begelieding fan dochter-, suster-, adopsje- en selsstannige Gemeenten.
- C. Taakgroep foar Gebedsgroepen yn en bûten de Gemeente.
- D. Taakgroep foar Stúdzjegroepen yn en bûten de Gemeente.
- E. Taakgroep foar Hânwurk yn en bûten de Gemeente
- F. Taakgroep foar Rintmastershelp (finânsjele fûnsfoarming).
- G. Taakgroep foar Diakonale help.
- H. Taakgroep foar Pastorale help.
- I. Taakgroep foar it Jongereinwurk.
- J. Taakgroep foar it Âldereinwurk.
- K. Taakgroep foar it Misjonêre wurk yn it bûtenlân.
- L. Taakgroep foar de Earetsjinsten.
- M. Taakgroep foar de Digitalisearring fan it Gemeentewurk.

Ûndertekene persoan is *belidend lid / belidend gastlid* fan dizze Gemeente en ferklearret meiwurkje te wollen oan ien of mear fan boppeneamde taakgroepen. Hy/hja hat dêrta ien of twa rûntsjes swart makke. (Hja/hy draacht ek by oan de finansjele kosten fan de taakgroep)

Namme:

Adres mei Pk en wenplak:

Tillefoan:; E-postadres:

Hantekening:

STRUKTUER

STRUKTUERBEPALING

FAN DE NIJE GEMEENTEN

HOE WOL DE NIJE GEMEENTE
HAR STRUKTUREEL OPSTELLE?

GEMEENTELEDEN

doopt, opdroegen, belidend
gastleden, tsjerkefreonen
stipers en bidders

TSJERKERIED

besluten
moderamen
taakgroepen
kommisjes, wurkgroepen

AS LEDEN HAR MISDRAGE

en as in tsjerkeried him misdraacht

Gemeenteleden
en stimrjocht

STRUKTUERBEPALING

FAN DE NIJE GEMEENTEN

GEMEENTELEDEN

TSJERKERIED

AS LEDEN HAR MISDRAGE

Gemeenteleden:

In Plus-Gemeente kin bestean út leden: doopte bern, opdroegen bern en belidende leden. Dizze trije groepen wurde bedoeld, wannear ´t sprutsen wurdt fan "Gemeenteleden". Dêrnjonken besteane aspirantleden en gastleden en tsjerkefreonen/freonen fan de Gemeente.

Gemeenteleden binne lid fan dizze Gemeente, omdat se har hjir thús fiele, hjir har ropping ta it ivige libben befêstigje kinne en har taken yn de maatskippij behertigje kinne, net om krityk te oefenjen op oare Gemeenten.

De earste fan dy taken is fermeardering fan oanbiddingsplakken, dus fan nije Gemeenten. Dêrom sille leden fan in Plusgemeente har altyd beskikber stelle foar it foarmjen fan dochter-, suster-, adopsje- en selsstannige Gemeenten en it bestjoeren en ynrychtsjen dêrfan.

Alle folwoeksen leden ferbine har, sa gau as se kinne, om oan in kommisje of wurkgroep mei te dwaan en stelle har beskikber foar in funksje yn in taakgroep of yn de tsjerkeried..

Belidende leden drage wat út:

Belidende leden ha belidenis dien fan har leauwe yn it Wurd fan God en yn it tsjûgenis fan Jezus, neffens de regels, dy ´t troch de tsjerkeried mei de Gemeentegearkomste fêststeld binne. Se binne fan doel dy belidenis altyd yn praktyk te bringen.

Iepenbiere belidenis sil as regel plakfine yn in sneinske earetsjinst, neidat de belidenis-kandidaat in jier lang mei de Gemeente opwurke hat en ûnderrjocht yn Gods Wurd en de belidenissen fan de Tsjerke krige hat.

Stimrjocht:

Stimhawwende leden binne alle doopte -, opdroegen - en belidende leden fan in tefoaren bepaalde leeftiid ôf, dy ´t dat rjocht net ferlern ha troch wangedrach. Se sille in oantal kearen jiers oproppen wurde foar Gemeentegearkomsten. Dêr kinne besluten nommen wurde oer geastlike, finansjele en maatskiplike ûnderwerpen. Jongere leden binne wolkom, mar ha gjin stimrjocht; wol sil harren nei har miening frege wurde.

Men kin de stimhawwende leden ferdiele yn in oantal leeftiidsgroepen en oan elke groep, dy ´t unanym stimt, in ekstra wicht jaan.

Yn Gemeentegearkomsten mei gastleden en tsjerkefreonen sille yn de regel gjin besluten nommen wurde; wol kin dan in opinypeiling plakfine.

Gastleden, tsjerkefreonen, bidders en stipers:

Dêrneist funksjonearje yn de Gemeente gastleden en tsjerkefreonen, wylst ek omtinken bestiet foar bidders en finansjele stipers, dy't bûtensteander bliuwe wolle.

Gastleden binne lid fan in oare Gemeente, dy't dêr lid bliuwe wolle, mar har yn de GastGemeente mear ûntjaan kinne.

Tsjerkefreonen binne net lid fan in Gemeente, mar wolle har ynsette foar bepaalde taken fan de Gemeente.

Dêrneist sil de tsjerkeried soargje foar frekwint kontakt mei de bidders en finansjele stipers, dy't gjin lid fan de Gemeente binne. Dizzen sille – neist gastleden en tsjerkefreonen – útdruklik útnoege wurde foar twa bysûndere Gemeentegearkomsten jiers, dy't foar in breed publyk hâlden wurde.

Op sokke Gemeentegearkomsten sil net stimd wurde; wol kin dan om algemiene ynstimming frege wurde mei publike aksjes fan de Gemeente.

Lederied:

De Gemeentefergearing foarmet tidens ien fan de earste gearkomsten ûnder lieding fan de tsjerkeried in lederied, besteande út in oantal belidende leden fan de Gemeente, oan te foljen mei in lytser oantal doopte leden en gastleden. De lederied advisearret de tsjerkeried op fersyk fan Gemeenteliden en bemiddelet yn saken, dêr't tsjerkeried en Gemeenteliden it net meiïnoar oer iens binne.

De lederied kin yn oerlis mei de tsjerkeried in Gemeentegearkomste belizze; dy Gemeentegearkomste sil troch de tsjerkeried oankundige wurde.

Doel fan de lederied, de tsjerkeried en de Gemeentegearkomste bliuwt de fermeardering fan it oantal nije Gemeenten.

**DE TSJERKERIED,
syn taakgroepen, kommisjes en wurkgroepen:**

Yn de tsjerkeried sille as regel allinnich belidende leden in sit ha, keazen troch de stimhawwende Gemeenteliden. Útsûnderingen sille tefoaren besprutsen wurde yn in Gemeentegearkomste.

Tsjerkeriedsbesluten:

De tsjerkeried nimt belangrike besluten allinnich nei advys fan in Gemeentegearkomste en fiert feroaringen allinnich yn nei ynstimming fan tachtich persint fan de stimhawwende leden yn de Gemeentegearkomste. Foar de foarming fan nije Gemeenten is yn earste ynstânsje tachtich persint fan de stimmen nedich, yn twadde ynstânsje lykwols is in gewoane mearderheid genôch, omdat de foarming fan nije Gemeenten de earste prioriteit fan in Plusgemeente is.

Boppepleatslike arbeid:

Tsjerkeriedsleden stelle har beskikber om wurk te dwaan yn regionale, nasjonale of ynternasjonale tsjerklike ferbannen. Se kinne plakferfangende Gemeenteleden oansykje, troch de Gemeente keazen en troch de tsjerkeried beneamd foar de taak as plakferfanger. De tsjerkeried kin in list oanlizze mei de nammen fan leden, dy't har dêrta beskikber steld ha.

Alle Gemeenteleden sille geregeld motivearre wurde ta boppepleatslik wurk yn de Tsjerke en dêrbûten.

Moderamenleden

Moderamenleden fan de tsjerkeried wurde troch de tsjerkeriedsleden keazen út amtsdraggers, dy't troch hûsbesykwurk ûnderfining ha mei it libben fan de Gemeenteleden en/of bûtentsjerkliken; by in tekoart oan sokke amtsdraggers yn de sittende tsjerkeried wurde amtsdraggers út foarige tsjerkerieden oansocht om it moderamenwurk te dwaan.

AS LEDEN HAR MISDRAGE:

As in Gemeentelid him misdraacht, sil de tsjerkeried yn elts gefal mei de belangjende persoan sprekke en dêrnei yn in tsjerketsjinst ien fan de neifolgjende meidielingen dwaan:

1: F/L: De tsjerkeried dielt mei grut fertriet mei, dat in* lid* fan ús Gemeente al jierrenlang ta algemien fertriet fan 'e Gemeente op gjin inkelde wize belangstelling toand hat* foar it tsjerklike en geastlike libben hjir.

Twa jier lang hawwe (yn oerlis mei de konsulint) tsjerkeriedsleden en oare Gemeenteleden ferskate kearen mei him praat, lykas de Heare Jezus ús opdroegen hat neffens Mattéus 18, mar alle kearen binne se teloarsteld fuortstjoerd.

Ek wol dit lid net teboeksteld wurde as gastlid of tsjerkefreon, en ek wol er net oerskreaun wurde nei in oare Gemeente of oare Tsjerke of meiwurkje oan 'e foarming fan in nije Gemeente. Dêrom hat de tsjerkeried (nei oerlis mei de konsulint) him foarnommen, syn namme nei de earstfolgjende reguliere Gemeentegearkomste oer fjouwer wiken út it lederegister fan de Gemeente te ferwiderjen yn 'e hoop, dat er nei ferrin fan tiid wer as lid fan 'e Gemeente oannommen wurde kin.

Mar earst freget de tsjerkeried jim om yn in koart stil gebed de namme fan dit lid, te witten (namme:) oan God en syn bekearende genede op te dragen en dêrnei mooglik dizze moanne noch mei him te praten.

Lit ús no stil wêze en dêrnei meiïnoar biddend sjonge Psalm/Sang/Liet (Bygelyks: Psalm 139:1,14, Sang 454:1,4 of Opwekking 125)

2. F/L: De tsjerkeried dielt mei grut fertriet mei, dat in* lid* fan ús Gemeente al in jier lang dwaande is mei bûten de tsjerkeried en de Gemeentegearkomsten om stimming te meitsjen tsjin de identiteit en/of

aktiviteiten fan dizze Gemeente en/of tsjin ien of mear leden fan de Gemeente. Dêrmei feroarsaket er* ek yn 'e Gemeente in sfear fan algemien ûnbehagen en fertriet.

Dit hiele jier lang hawwe (yn oerlis mei de konsulint) tsjerkeriedsleden en oare Gemeenteliden ferskate kearen mei him praat, lykas ús Hear Jezus ús opdroegen hat neffens Mattéus 18, mar alle kearen binne se teloarsteld fuortstjoerd.

Ek wol dit lid net teboeksteld wurde as gastlid of tsjerkefreon, en ek wol er net oerskreaun wurde nei in oare Gemeente of oare Tsjerke of meiwurkje oan 'e foarming fan in nije Gemeente. Dêrom hat de tsjerkeried (nei oerlis mei de konsulint) him foarnommen, syn namme nei in bysûndere Gemeentegearkomste, hjoed oer acht dagen, út it lederegister fan de Gemeente te ferwiderjen yn 'e hoop, dat er nei ferrin fan tiid wer as lid fan 'e Gemeente oannommen wurde kin.

Mar earst freget de tsjerkeried jim om yn in koart stil gebed de namme fan dit lid, te witten (namme:) oan God en syn bekearende genede op te dragen en dêrnei mooglik dizze wike noch mei him te praten.

Lit ús no stil wêze en dêrnei biddend sjonge Psalm/Sang/Liet
(Bygelyks: Psalm 15 of 16; Sang 305; of Opwekking 222)

AS IN TSJERKERIED HIM MISDRAACHT, kin in Gemeentelid mei twa oare Gemeenteliden in klacht yntsjinje by de lederied; as der gjin oerienstimming berikt wurdt, kin in Gemeentelid advys freegje by de regionale fergearing/klassis, nei oerlis mei de tsjerkeried.

DE GEMEENTEFERGEARRING

har belangen, taken en rjochten

Prinsipe:

De learlingen fan de Messias Jezus ha ien Master en binne allegearre broers en susters. Se ha ien Heit en ien Liedsman. Dat ha de apostelen en de earste Gemeenten útkomme litten yn ´e Gemeentegearkomsten (Hannelingen 1:15-26; Hann. 15:22; en soartgelyks yn 1 Korintiërs 5:1-5; 2 Kor. 5:5-7). It ynstitút fan Gemeentegearkomsten hyt Gemeentefergearing.

Gemeentegearkomsten kinne gearroppen wurde troch de tsjerkeried of troch de lederied yn oerlis mei de tsjerkeried.

Taken fan ´e Gemeentefergearing:

1. It earste, dat de Gemeentefergearing yn de earste Gemeentegearkomste dwaan sil, is dat se in taakgroep ynstelt foar it foarmjen fan nije Gemeenten, dy ´t itselde of in oar profyl krije.
2. Daliks dêrnei sil de Gemeentegearkomste begjinne mei it opstellen fan in ferklearring oangeande har identiteit en profyl, har opdracht yn ´e wrâld en har aktiviteiten, har selspresintaasje.

Lieding fan ´e Gemeentegearkomste:

De Gemeentegearkomsten sille as regel foarsitten wurde troch de tsjerkeriedsfoarsitter, bystien troch in notulist en trije oare tsjerkeriedsleden, dy ´t kontakt ha mei de behearder/koster en mei oare funksjonarissen.

Útfiering fan besluten:

Útfiering fan besluten wurdt oerlitten oan persoanen, dy ´t troch de tsjerkeried mei goedfinen fan de Gemeentegearkomste oanwiisd wurde.

(In wichtich beslút fan de Gemeentegearkomste kin foarlein wurde oan de algemiene tsjerkeried, de konsulint en/of it moderamen fan ´e regionale fergearing/klassis foar advys en dêrnei troch de tsjerkeried yn it besteande belied ynpast.)

Frekwinsje:

Men kin foar Gemeentegearkomsten in frekwinsje fêststelle, bygelyks op syn minst trije lopen jiers.

Op ien gearkomste kin it geastlike libben foarop stean; op in twaddenien it finansjéle en op in tredendenien it maatskiplike libben. Dêrneist kinne ekstra Gemeentegearkomsten hâlden wurde, as in persintaazje fan de Gemeenteliden der om freget. Men kin tinke oan tsien persint. Leden kinne doopt, opdroegen of belidend lid wêze.

Bysûndere Gemeentegearkomsten:

Der sille ek Gemeentegearkomsten hâlden wurde om in boargerlik of geastlik téma, dat de Gemeente belangryk fynt foar in breed publyk. Oan te rieden is in

frekwinsje fan teminsten twa lopen jiers.

Dan kin de tsjerkeried in bysûndere útnoeging dwaan oan bûtensteanders, bygelyks de neistby lizzende Gemeente fan in oar Tsjerkegenoatskip en de neistby lizzende Gemeente fan it eigen Tsjerkegenoatskip en in algemiene útnoeging (bygelyks troch oanplakbiljetten) oan alle bewenners fan de wyk. Men kin de wykferiening of in oare net-tsjerklike feriening yn de organisaasje behelje. Yn dit soarte fan gearkomsten wurde gjin besluten nommen, mar kinne wol suggestjes op papier set wurde foar belangrike ynstânsjes.

Ynbring:

Yn de gewoane Gemeentegearkomsten sille de Gemeenteleden frijút diskusearje kinne oer de identiteit, de aktiviteiten en de finansjéle ûnderbouwing fan dizze Gemeente. As oer persoanen praat wurde sil, moat dat earst yn 'e tsjerkeried oan 'e oarder west ha.

Oanwêzigen:

Ta de Gemeentegearkomsten wurde útnoege alle Gemeenteleden, dus belidende, doopte en opdroegen leden fan 'e Gemeente. Se kinne stimrjocht krije fan in tefoaren bepaalde leeftiid ôf.

Ta bysûndere Gemeentegearkomsten sille ek gastleden, tsjerkefreonen, bûtentsjerklike bidders en stipers en oaren útnoege wurde; dêr sille gjin besluten nommen wurde.

Sanksjes:

Wa't bûten de tsjerkeried of in Gemeentegearkomste stimming makket tsjin de identiteit en/of de aktiviteiten fan 'e Gemeente, kin troch de tsjerkeried mei tastimming fan in Gemeentegearkomste as lid útskreaun wurde

Datselde jildt foar elk, dy't negatyf praat rûnstruit oer (in) persoan(en).

Itselde jildt ek foar elk, dy't tsjin it sin fan de tsjerkeried of de Gemeentegearkomste oanset ta in hastige beslútfoarming.

Beslútfoarming:

Besluten wurde safolle mooglik nommen nei skriftlike stimming of by hânopstekken.

Stimd wurdt allinnich yn gearkomsten, dêr't besluten nommen wurde meie, troch leden, dy't stimrjocht hawwe,

Modellen foar beslútfoarming:

Moat der stimd wurde, dan kin men kieze út in oantal modellen foar stimming:

1.

Men rekkenet tsjerkeried en Gemeente as ien gehiel en folget dan de mearderheid fan it gehiel, yn earste ynstânsje in mearderheid fan tachtich persint fan de útbrochte jildige stimmen. Is de mearderheid minder as tachtich persint, wurdt it foarstel ferskood nei in folgjende Gemeentegearkomste, op syn minst fjirtjin dagen letter. Foar dy twadde gearkomste kin de sittende gearkomste bepale, oft dan wer tachtich persint mearderheid nedich is, of fyftich persint plus ien stim.

Wurdt in foarstel ek dan net oannommen, wurdt it foarstel ferskood nei in folgjende Gemeentegearkomste, op syn minst fjirtjin dagen letter. Wurdt ek yn dy tredde gearkomste it foarstel net oannommen, komt it pas in jier letter wer yn besprek, wannear't dêr skriftlik om frege wurdt troch de tsjerkeried of troch tsien persint fan de Gemeenteleden.

2.a.

As it om in foarstel fan de tsjerkeried giet, dêr't de allinnich de Gemeente oer stimme moat, dan kin men dochs de tsjerkeried meistimme litte, mar dan as groep neist de Gemeente as groep. Dat hat yn bysûndere gefallen in foardiel.

Dan kin men elk fan de fjouwer amtsgruppen ien stim jaan (foargonger, diakenen, âlderlingen, rintmasters); binne alle fjouwer mei inoar ienriedich, dan hat de tsjerkeried as gehiel fiif stimmen.

De Gemeente hat by gewoane mearderheid trije stimmen, by tachtich persint mearderheid fjouwer stimmen. Is de Gemeente folslein ienriedich, dan hat se fiif stimmen.

2.a.a.

Der kin dus groepsgewiis stimd wurde, foar elke groep ien stim. Is de mearderheid fan de stemming per groep yn de tsjerkeried minder as fjouwer en yn de Gemeente idem, dan kin pas yn in folgjende Gemeentegearkomste in beslút nommen wurde, op syn minst fjirtjin dagen letter. Itselde giet op, as de stimmen stake.

Foar dy twadde gearkomste kin de sittende gearkomste bepale, oft dan wer deselde ferhâlding oanhâlden wurdt of in oarenien en de tsjerkeried docht dan net oan de stemming mei. Wurdt in foarstel ek dan net oannommen, komt it pas in jier letter wer yn besprek, wannear't dêr skriftlik om frege wurdt troch de tsjerkeried of troch tsien persint fan de Gemeenteleden.

2.a.b.

Is de mearderheid fan de stimmen yn de Gemeente of yn de tsjerkeried minder as tachtich persint, dan kin pas yn in folgjende Gemeentegearkomste in beslút nommen wurde, op syn minst fjirtjin dagen letter. Itselde giet op, as de stimmen stake.

Foar dy twadde gearkomste kin de sittende gearkomste bepale, oft dan wer tachtich persint mearderheid nedich is, of fyftich persint plus ien stim.

Wurdt in foarstel dan net oannommen, komt it pas in jier letter wer yn besprek, wannear't dêr skriftlik om frege wurdt troch de tsjerkeried of troch tsien persint fan de Gemeenteleden.

2.b.

It is mooglik, dat de tsjerkeried yn guon gefallen net stimme wol; yn dy gefallen stimt allinnich de Gemeente. Is de mearderheid dan minder as tachtich persint, wurdt it foarstel ferskood nei in folgjende Gemeentegearkomste, op syn minst fjirtjin dagen letter. Foar dy twadde gearkomste kin de sittende gearkomste bepale, oft dan wer tachtich persint mearderheid nedich is, of fyftich persint plus ien stim.

Wurdt in foarstel ek dan net oannommen, wurdt it foarstel ferskood nei in folgjende Gemeentegearkomste, op syn minst fjirtjin dagen letter. Yn dy tredde gearkomste sil de tsjerkeried ek stimme. Wurdt in foarstel ek dan net oannommen, komt it pas in jier letter wer yn besprek, wannear't dêr skriftlik om frege wurdt troch de tsjerkeried of troch tsien persint fan de Gemeenteleden.

3. Men kin de Gemeentegearkomste ek yndiele yn leeftidsgroepen en dy elk in stim takenne.

FASE 3: ÚTFIERING

**YNTEKENBLÊDEN
FOAR AKTIVITEITEN**

**BESITEKAARTSJES
FOAR YN DE GEMEENTE
EN FOAR EVANGELISAASJE**

**LITURGYBRIEF
MEI MEIDIELINGEN**

YNTOKENBLÊDEN

FOAR DIELNAME OAN KOMMISJES EN WURKGROEPEN:

KOMMISJES EN WURKGROEPEN:

Fan kommisjes en wurkgroepen kin eltsenien dielnimmer wurde.

Meitsje om diel te nimmen ien of mear fan de rûntsjes swart.

I. Ûnder de "GRUTTE TAAKGROEP" FOAR DE OPRJOCHTING EN BEGELIEDING FAN NIJE DOCHTER- EN ADOPSJEGEMEENTEN steane de neifolgjende kommisjes en wurkgroepen:

O Kommisje Werving Leden, Gastleden en Tsjerkefreonen, >

O wurkgroep foar kontakten mei oerheden en lokale politike partijen;

O wurkgroep(en) idem by basisskoallen en âlders;

O wurkgroep idem by foartset ûnderwiis en jeugd;

O wurkgroep idem by bedriuwslibben (ûndernimmers, wurkjouwers, wurknimmers);

O wurkgroep idem by horeca;

O wurkgroep idem by prostituees;

O wurkgroepen foar maatskiplik wurk.

O Kommisje Evangeeljefersprieding, foar de kontakten mei yndividuële persoanen >

O wurkgroep(en) foar húsbesiken;

O wurkgroep lektuerfersprieding;

O wurkgroep (útnoeging) foar publike aktiviteiten fan de tsjerklike Gemeente;

O wurkgroep foar de opfang en begelieding yn en nei ôfrin fan earetsjinsten;

O wurkgroep foar begelieding fan nije gastleden en tsjerkefreonen yn it deistige libben;

O wurkgroep begelieding nije leden; ensamear.

O Kommisje ynskriuwing en begelieding fan Nije Leden, Gastleden en Tsjerkefreonen >

O wurkgroep foar oerlis mei kommisje werving en kommisje evangeeljefersprieding;

O wurkgroep registraasje en ynskriuwing nije leden, gastleden en tsjerkefreonen;

O wurkgroep foar foar ynskriuwing op de yntekenlist foar kommisjes en wurkgroepen;

O wurkgroep foar ferwizing nei groeigroepen, pastorale en diakonale helperliening.

O Kommisje enkête ripingstastân, ûndersiket reewillichheid ta fermannichfâldiging fan de Gemeente mei dochter- en adopsjegemeenten >

O wurkgroep foar oerlis mei de kommisje ynskriuwing;

O wurkgroep foar de enkêtes by Gemeenteliden thús;

O wurkgroep foar it oerlis yn de Gemeentegearkomsten.

O Kommisje foar belieds- en stappeplan, leit belieds- en stappeplan foar oan tsjerkeried en Gemeentegearkomste >

O wurkgroepen, neffens ynsjoch fan de kommisje te oarderjen.

O Kommisje foar de foarming fan digitale dochter- en adopsjegemeenten: leit oer mei de hiele taakgroep >

O wurkgroepen foar digitalisearring, neffens ynsjoch fan de kommisje te oarderjen.

II. Under de TAAKGROEP FOAR DE KOÖRDINAASJE steane de neifolgjende kommisjes en wurkgroepen:

De Taakgroep foar de Koördinaasje regelet, wat as kommisje en wat as wurkgroep ynsteld wurdt. Dizze taakgroep leit ek mei de noch folgjende ûndersteande taakgroepen oer, oer de oardering fan kommisjes en wurkgroepen.

O Kommisje foar bûtenlânske betrekkingen >

1. O Kontakt mei Kristlike Mienskippen yn 'e oare Fryslannen en mondiaal.
2. O Sinding, Wrâlddiakonaat en ûntwikkelingswurk (SWÛ).
3. O Israel en it Midden-Easten, Joaden, Kristenen, Moslims.
4. O Kontakt mei Kristenen yn Israel en it Midden-Easten.
5. O Kontakt mei Kristenen ûnder diktatueren/yn ûntwikkelingslannen.

O Kommisje Sosjale polityk en ekonomy >

6. O Pynlike Relaasjes tusken Agrikultuer en Stedskultuer.
7. O Ekonomy, Ferantwurdlikens en Fertriet yn eigen Krite.
8. O Kontakt mei Boargerlike Oerheid en Maatskiplike Ynstânsjes.

O Kommisje foar skewiel fan de Grutte Kommisje >

9. O Regionaal Diakonaat bûten de Tsjerken.
10. O Regionaal Pastoraat bûten de Tsjerken.
11. O Regionale Ferkundiging bûten de Tsjerken.
12. O Kontakt mei oare Tsjerken en Gemeenten yn 'e Regio.
13. O Omgean mei Kristlike Jongerein yn en bûten de Tsjerke.
14. O Omgean mei Net-kristlike Jongerein yn de krite.
15. O Sikebesites, Swalkers en Swakken anneks Útgûlûmte.
16. O Retrêtes en Konferinsjes.

O Kommisje foar skewiel fan de Rintmasters >

17. O Meiwurking oan Technysk en Materieel ûnderhâld.
18. O Meiwurking oan Behear Oargel en oare Muzykynstruminten.
19. O Meiwurking oan Koaren, Kantorijen, Gemeentesang en Massasang.
20. O Foarmjouwing en Technyske Middelen yn Gemeentelibben en Earetsjinst.
21. O Funksjonarissen foar de Earetsjinst.

O Kommisje foar Sang, Muzyk en oare Keunsten >

22. O Spyljen op Blaasytruminten groepsferbân: brassband, fluitorkest, oars: ...
23. O Spyljen op Klavierynstruminten, te witten oargel/piano/klavesimbel, oars: ...
24. O Spyljen op oare muzykynstruminten solo/duo/kombo, te witten ...
25. O Dirigearjen yn muzyk.
26. O Sjongen yn Koaren, te witten (styl)koaren/kantorijen/massakoaren
27. O Sjongen/reppen yn it lyts, te witten solo/duo/kombo, oars: ...
28. O Dirigearjen yn sang.
29. O Oare keunsten, te witten skilderjen/byldhouwen/teksts kriuwen, oars: ...
30. O Lesjaan yn keunsten, te witten : ...

O Kommisje foar liederskip, yn oerlis mei dizze taakgroep >

31. O Lieding jaan oan stúdzjegroepen
32. O Lieding jaan oan wurkgroepen
33. O Lieding jaan oan gebedsgroepen
34. O Lieding jaan oan kommisjes
35. O Lieding jaan oan taakgroepen

III. De TAAKGROEP GEBEDSLIBBEN kin as kommisjes ynstelle:

O Kommisje foar de stúdzje nei it gebedslibben >

- O stúdzjegroep gebeden yn de Bibel;
- O stúdzjegroep gebeden yn de tsjerkeskiednis;
- O stúdzjegroep gebedslibben yn eigen omkriten.

O Kommisje foar it Gemeentegebed >

- O gebedsgroep foar eigen Gemeente, tsjerkeried, meiwurkers;

- 0 gebedsgroep foar it gebed foar siken, fysyk swakken, psychysk en sosjaal swakken;
- 0 gebedsgroep foar gefangenen, seefarrenden, militêren, reizigers, ensamear.
- 0 gebedsgroepen foar boppepleatslik tsjerkewurk;
- 0 gebedsgroepen foar oare Gemeenten en Tsjerken;
- 0 gebedsgroepen foar meiwurkers yn Kristlike - en foar Kristenen yn sekuliere organisaasjes.
- 0 Kommissje foar it earetsjinstgebed >
- 0 gebedsgroepen foar it begjin fan de earetsjint;
- 0 gebedsgroepen foar de tank-/foarbeden nei de preek;
- 0 gebedsgroepen foar de neisoarch.
- 0 Kommissje foar it politike gebed >
- 0 gebedsgroepen foar politisi en amtners, lokaal, provinsjaal, lannelik,
- 0 gebedsgroepen foar politisi en amtners Europeesk en ynternasjonaal.
- 0 gebedsgroepen foar Israel, Ismael en Kristenen yn har gebieten.
- 0 Kommissje foar it groeigroepegebed, begelieding fan groeigroepen >
- 0 Groeigroepen foar spesjale kategoryen, te witten: ...
- 0 Groeigroepen algemien.
- 0 Kommissje foar it publisiteitsgebed >
- 0 gebedsgroepen foar sjoernalisten, programmamakkers op t.v., ynternet, ensamear.
- 0 Kommissje foar it digitale gebedslibben: leit oer mei de hiele taakgroep.

IV. De TAAKGROEP FOAR DE STÚDZJE kin as kommissjes ynstelle:

- 0 Kommissje foar de Bibelstúdzjegroepen >
- 0 stúdzjegroep foar de hiele Bibel;
- 0 stúdzjegroepen foar spesjale Bibelboeken;
- 0 stúdzjegroep foar de apokrife Bibelboeken;
- 0 stúdzjegroep foar téologyske boeken;
- 0 Kommissje(s) foar wittenskipsstúdzje >
- 0 stúdzjegroepen aktualiteit yn natuerwittenskippen, technyk, filosofy;
- 0 stúdzjegroepen aktualiteit yn psychology, sosjology, politikology;
- 0 stúdzjegroep tsjerkeskiednis, tsjerklike oarder, liturgyskiednis;
- 0 stúdzjegroepen skiednis fan eigen Gemeente, eigen provinsje, eigen lân;
- 0 stúdzjegroepen skiednis fan allochtoanen, Suriname, Antillen, Azië, East-Europa;
- 0 stúdzjegroepen foar kennis fan Israel en Joadedom;
- 0 stúdzjegroepen Arabië, Islaam, Hindoeïsme, Bûddisme, Taoïsme, ensamear.
- 0 Kommissje foar digitalisearring fan de stúdzjes: oerlis mei de hiele taakgroep.
- 0 wurkgroepen foar algemiene wurksomheden yn de digitalisearring.
- 0 wurkgroep foar de spesjaliteit, dy't jo yn de digitalisearring kieze, te witten: ...

V. De TAAKGROEP EARETSJINSTEN kin as kommissjes ynstelle:

- 0 Kommissjes foar de ûnderdielen fan de earetsjinsten >
- 0 wurkgroepen foar de stúdzje fan de pleatslike en eigen liturgymooglikheden, preken, identiteit;
- 0 wurkgroepen fan koster, opfangwurkers, gebedsgroepen;
- 0 wurkgroepen foar de begelieding fan gasten;
- 0 wurkgroep foar de roasters fan meiwurkers foar de ûnderskate sneinen; ensamear.
- 0 Kommissje foar digitalisearring fan de earetsjinsten: oerlis mei de hiele taakgroep.

ÛNDERTEKENING: SJOCH OARE SIDE.

ÛNDERTEKENING:

Ûndertekene persoan ferklearret meiwurkje te wolle oan ien of mear fan boppeneamde kommisjes en/of wurkgroepen fan dizze Gemeente.

De rûntsjes foar de nammen fan dy gremiums hat er/se in krúske yn set.

It binne de kommisjes/wurkgroepen

.....

.....

.....

Hy/hja wit, dat de oardering fan de kommisjes en wurkgroepen oars wurde kin as dat hjirboppe oanjûn stiet.

(Hju/hy draacht ek by oan de finansjele kosten fan it keazen gremium)

Hja/hy is fan dizze Gemeente in belidend lid/dooplid/opdroegen lid/aspirantlid/gastlid/tsjerkefreon/oars, te witten:

Namme:

Adres:

Pk en wenplak:

Tillefoan:

Epostadres:

Hantekening:

TEKST FOAR BESITEKAARTSJE

OF – BRIEF 1,

te brûken troch hûsbesikers (amtsdraggers, oaren)

Oan Gemeenteleden:

Achte Frou/Hear/Famylje

Hjoed ha ik by jo/jim oan 'e doar west, mar ik krige gjin gehoar.

Graach kom ik ris wer efkes oanrinnen;

O mar ik wit noch net, wannear ik kin.

O op-dei,- (datum) om oere.

De besite sil in lytse minuten duorje, tink ik.

Foar in earste besite reservearje ik altyd in oere.

Soene jo hjirûnder opskriuwe wolle, oft dat jo past ?

Jo kinne dit briefke yn 'e brievebus fan 'e tsjerke triuwe, mar jo kinne it ek by my thús bringe, of my skilje of berjocht jaan fia de e-post of de postrinner.

Myn namme is: ...

Adres: ...

Postkoade en wenplak: ...

Telefoan: E-post:

Ik bin âlderling/diaken/rintmaster/kommisjelid/Gemeentelid/predikant fan de Kristlike Gemeente...

....., adres:

Achte frou hûsbesykster/hear hûsbesiker fan ús Tsjerke,

O Ja, dy dei en dy oere past my/ús wol.

O Nee, dan past it my/ús net en foarearst moat dat sa mar bliuwe.

O Nee, dan past it my/ús net, mar ik noegje jo út om by my/ús te kommen

op-dei,- (datum) om oere,

of op-dei,- (datum) om oere,

of op-dei,- (datum) om oere.

Ik hoopje, dat jo op ien fan dy tiden wer by my/ús komme kinne. Soene jo oars efkes kontakt mei my/ús opnimme wolle foar in definitive ôfspraak ?

Myn/Ús namme is: ...

Adres: ...

Postkoade en wenplak: ...

Tillefoan: E-post:

Opmerking: Ik bin / Wy binne net sa faak thús en dat is foar it kontakt wol lêstich. Mar ik wol / wy wolle graach wat dwaan:

O Ik wol alle dagen yn myn gebeden God freegje om in segen foar de Gemeente, jo en mysels.

O Ik wol my oanslute by in groep bidders.

O Ik wol op losfêste basis wolris meidwaan oan in aktiviteit.

O Ik wol my oanslute by in groep foar in aktiviteit.

Dêrom sil ik út en troch wolris yn de tsjerkeriedskeamer freegje om in list foar gebed en aksje.

TEKST FOAR BESITEKAARTSJE

OF -BRIEF 2,

te brûken troch hûsbesikers yn de Evangelisaasje

Achte Frou/Hear/Famylje

Hjoed ha ik by jo/jim oan 'e doar west, mar ik krige gjin gehoar.
Graach kom ik ris wer efkes oanrinnen;
O mar ik wit noch net, wannear ik kin.
O op-dei,- (datum) om oere.

De besite sil in lytse minuten duorje, tink ik.
Foar in earste besite reservearje ik altyd in oere.

Soene jo hjirûnder opskriuwe wolle, oft dat jo past ?
Jo kinne dit briefke yn 'e brievebus fan 'e tsjerke triuwe, mar jo kinne it ek by my thús bringe, of my
skilje of berjocht jaan fia de e-post of de postrinner.
Myn namme is: ...
Adres: ...
Postkoade en wenplak: ...
Telefoan: E-post:

Ik bin lid fan de Kristlike Gemeente, adres:
Dat is ien fan de gearwurkjende Gemeenten yn jo omkriten.
Ik soe mei jo prate wolle oer it Evangeelje fan Jezus Kristus en ús libben mei Him.

Achte frou evangeliste/hear evangelist,

O Ja, dy dei en dy oere past my/ús wol.
O Nee, dan past it my/ús net, en foarearst hoecht der by my/ús neat te feroarjen.
O Ik kom net by de Tsjerke, mar foar jim Gemeentelibben wol ik wol geregeld bidde.
O Ik kom net by de Tsjerke, mar guon fan jim aktiviteiten wol ik finansjeel stypje.
O Ik kom net by de Tsjerke, mar oan guon fan jim aktiviteiten wol ik as tsjerkefreon meidwaan.
O Ik bin lid fan in oare Tsjerke, mar wol by jimme as gastlid meidwaan.

O Ik wit wat fan it Evangeelje en wol no de hiele Bibel besjen; ik kom by jim op in kursus.
O Ik ha de Bibel lêzen en wol by jim God hearre; ik wol yn jim Gemeente doopt wurde en lid wurde.
O Ik bin as bern doopt en wol der no belidenis fan dwaan yn in jimme Gemeente en lid wurde.
O Ik bin folwoeksen doopt en wol no meidwaan yn jimme Gemeente en lid wurde.

O Ik noegje jo út om by my/ús te kommen
op-dei,- (datum) om oere,
of op-dei,- (datum) om oere,
of op-dei,- (datum) om oere.
Ik hoopje, dat jo op ien fan dy tiden wer by my komme kinne. Soene jo oars efkes kontakt mei my
opnimme wolle foar in definitive ôfspraak ?
Myn/Ús namme is: ...
Adres: ...
Postkoade en wenplak: ...
Telefoan: E-post:

LITURGYBRIEFKE

mei meidielingen

(sjoch oare siden)

Kalvinistyske,
Evangelyske,
Lutherske,
Oekumenyske styl.





Wolle jo lid wurde ?

Nim dan kontakt op mei ien fan ús kontaktper-soanen.

Foarmen fan lidmaatskip binne:

Belidend lid (dielt iepenlik it leauwe fan de Gemeente).

Dooplid (is doopt, mar dielt noch net iepenlik it leauwe fan de Gemeente)

Gastlid (dielt it leauwe fan de Gemeentet, mar wol noch gjin lid wurde)

De Gemeente hat ek Freonen fan de Gemeente, dy't op in ferskaat fan wizen har freonskip fernimme litte.

Kontaktpersoanen fan de Gemeente binne:

Skriba fan de Tsjerkeried:

adres:

till. : Epost:

It tsjerkegebou is te hier foar aktiviteiten;

koster/behearder:

adres:

till. : Epost:

FÊSTE AKTIVITEITEN FAN DE Gemeente:

Elke snein:

9.00 oere: ynrin, ûntfangst, lektuertafel, yntekening op aktiviteiten, omtinken foar siken;

9.30 oere – ±11.00 oere: earetsjinst mei basisliturgjy; oppas foar lytse bern; bernetsjinst foar de skoalbern; jeugdtsjerke. Meastentiids kofje en tee neitiid.

Wa't mei de auto helle wurde moat, kin kontakt opnimme.

Elke moanne measte sneinen:

11.30 – 12.15 oere: bidtsjinst foar genêzing.

14.30 – 15.15 oere: bidtsjinst polityk en maatskippij.

15.30 – 16.15 oere: bychtsjinst foar fersoening.

16.30 – 17.15 oere: diskusjestsjinst.

17.30 – 18.15 oere: kofjemiel foar elkenien, mei korvee.

20.00 – 21.00 oere: sjongtsjinst, âlde en nije lieten, gjin taspraken, neitiid noflik neiprate.

Elke ûneven moanne earste snein:

14.00 – 17.00 oere: grutte bidtsjinst foar genêzing.

Elke even moanne earste snein:

14.00 - 17.00 oere: grutte bychtsjinst.

Jo kinne altyd frij yn en út rinne.

YNFO OER OARE AKTIVITEITEN

kinne jo krije by de tsjerkeried. Fêste aktiviteiten binne troch de wike hinne, faaks yn 'e mande mei oare Gemeenten: klubs, ferienings, toniel, muzyk, sang, Bibelstúdzje, kategeese oer de tsjerklike lear, groepen dy't de buert yn geane foar kontakten mei de buertbewenners.

Omdat dizze Gemeente iepenheid en groei as doel hat, binne jo by alle aktiviteiten wolkom as taharker, tasjogger en learder, mar ek as meidogger. Ús doel is, dat de Gemeente ta nije Gemeenten opspjalte wurdt.




BUERTTSJERKE

*Tsjûgestrjitte 22,
4712 AO Ferwachtingsgea.
In Gemeente fan Jezus Kristus.*

*Dizze is lannelik oansluten by in
mienskip fan Gemeenten, dy't wurket
ûnder de namme*

.....
.....
.....
*En se is ûnderdiel fan de wrâldwide mienskip
fan Gemeenten fan de Soan fan de Ivige.*



LITURGY

FOAR DE EARETSJINST

YN DIZZE GEMEENTE

op de sneinen

bûten de feest- en

betinkdagen.

BASISLITURGY

GONG TROCH DE TSJINST – 1

kalvinistysk:

Tarieding:

Wurkgroepen, koster, bidgroep.

Konsistoarjewurk.

Muzyk. Liet foar de tsjinst.

Yntocht. Kears wurdt oanstutsen.

Ôfkundigingen.

Yntochts-/Begjinpsalm

OANROPPING

F: (Oanroppingsbede) Stil gebed.

Bemoediging: We komme hjir byinoar as minsken,

dy't in kostber leauwe ûntfongen hawwe troch de gerjochtheid fan ús God en Ferlosser, Jezus Kristus. Amen

Groet: F: Genede en frede meie jimme fermeardere wurde troch it kennen fan God en fan Jezus, ús Hear.

Gem: **Amen.**

(Lyts Gloria: **Eare oan de Heit en de Soan en de Hillige Geast,**

lykas it yn 't begjin wie, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid. Amen.)

F: Koarte ynlieding by it témaliet fan de tsjinst.

Sjonge.

(BEGJINTEKST by it tema fan de tsjinst. Liet)

DROMPEL

F: Skuldbekenten/-gebed.

F: Tasizzing fan ferjouwing. Liet.

F of Gem: Lêzing fan de Tsien Geoaden:

Eksodus 20 of Deuteronomium 5.

Of:

F: (Oanhef:) Wolle wy de Ivige, de Allerheechste fan Israel, hâlde as ús Allerheechste ? (Ja)

1. Wolle wy oare goaden hawwe ? (Nee)

2. Wolle wy bylden fan God of fan skepsels ha om ús dêrfoar te bûgen ? (Nee)

3. Wolle wy Gods namme misbrûke ? (Nee)

4. Wolle wy syn Rêstdei oan Him hilligje ? (Ja)

5. Wolle wy ús heit en mem earje ? (Ja)

6. Wolle wy deaslaan ? (Nee)

7. Wolle wy trou brekke ? (Nee)

8. Wolle wy stelle ? (Nee)

9. Wolle wy falske tsjûgen wêze ? (Nee)

10. Wolle wy begoare wat ús neiste sines is ? (Nee)

All.: Al it kweade wolle wy net dwaan; al it goede wolle wy wol dwaan; wy wolle de Ivige hâlde as ús Allerheechste.

Liet fan lof.

FERKUNDIGING

Gebed. Bernetsjinst. Témalêzing.

(Ynsameling fan tank- en foarbedebriefkes)

Skriфтlêzingen, Lieten. By de lêste lêzing:

F: Sillich, dy't it Wurd fan God hearre en it bewarje; Hallelujah. All: **Amen.**

Ferkundiging, al dan net ynteraktyf.

ÚS ANTWARD

Antwardliet.

BELIDE mei de hiele Tsjerke op ierde:

Leauwensbelidenis: Nicénum/Apostoalikum/Athanasius. Liet.

TSJINST FAN DE GEBEDEN:

(Foarlêzing fan ynsammele tank- en foarbedebriefkes)

Tank-, foarbeden stille beden, Ús Heit:

Ús Heit yn 'e himel,

Lit jo namme hillige wurde;

lit jo Keninkryk komme;

lit jo wil barre,

lykas yn 'e himel, sa ek op 'e ierde.

Jou ús hjoed ús deistich brea

en ferjou ús ús skulden,

lykas ek wy se ús skuldners ferjouwe,

en bring ús net yn fersiking,

mar ferlos ús fan 'e kweade.

Want Jowes is it Keninkryk

en de krêft en de hearlikheid

oant yn ivichheid. Amen.

(FIERING DOOP, BELIDENIS, HILLICH NACHTMIEL, HOULIK:

Sjoch Hânsume Help, diel "Doop, Belidenis, Nachtmiel" en diel "Houlik" foar de formulieren – yn nije bewurking)

(Ôfskiedswurden oan ferhúzjenden, ôfswaaiende meiwurkers, bysûndere gasten.)

Ynsamelingen. Liet.

F: Seine. Gem: **Amen.**

Of: Gem: sjonge:

Meitsje ús trou yn 't striden, moedich yn 't beliden:

"Jezus Kristus is ús Hear."

Amen, God, jo namme de ear'!

N.B.: Wurden fan oanropping, bemoediging, groet, Wet, skuldbelidenis, ferjouwing, fernijde tawijing en Belidenis fan it leauwen steane yn oare dielen fan de Hânsume Help.

GONG TROCH DE TSJINST – 2

evangelysk:

Tarieding:

Wurkgroepen, koster, bidgroep.

Konsistoarjewurk.

Muzyk. Lieten foar de tsjinst.

Yntocht. Ôfkundigingen.

De ôfkundigingen kinne ôfsluten wurde mei dizze

wurden: Wy geane – as it mooglik is – allegearre stean.

Wol elk oan de minsken, dy't neist him steane of sitte –

oan beide kanten -- in hân jaan, sadat wy allegear

meiïnoar ferbûn binne ? Wy sjonge in Psalm fan Israel,

dy't ús mienskiipsgefoel útdrukt, te witten:(Bygelyks de nûmers 33-36, 46 ensamear)

Yntochts-/Begjinspsalm út "Opwekking".

OANROPPING

F: Oanroppingsbede. (Stil gebed.)

F: Bemoediging. Gem: **Amen.**

F: Groet. Gem: **Amen.**

Sjonge: Liet fan de oanwêzichheid fan God.

Tankbeden troch (trije) Gemeenteliden.

F: Oanslutende Bibeltekst.

TSJÛGENISSEN troch (trije) leden.

OANBIDDINGSTSJINST. Koarte ynlieding troch de oanbiddingslieder by it doel fan de oanbidding yn dizze tsjinst.

SJONGTSJINST: Koarte ynlieding troch de sanglieder by it téma fan de sjongtsjinst fan dizze snein.

Sjonge.

In ûnderdiel fan de sjongtsjinst kin wêze: songen skuldbelidenis, songen ferjouwingsliet, liet fan tanksizzing, liet fan fernijde tawijing oan God, lofliet om Gods Wetten.

GEBED:

F: Heare God, Ivige, Allerheechste fan Israel, wy wolle Jo hâlde as ús Allerheechste.

Wy wolle gjin oare goaden hawwe.

Wy wolle gjin bylden fan Jo of fan skepsels ha om ús dêrfoar te bûgen.

Wy wolle jo namme net misbrûke.

En wy wolle jo Rêstdei oan Jo hilligje.

Wy wolle ús heit en mem earje.

Wy wolle net deaslaan.

Wy wolle gjin trou brekke.

En wy wolle net stelle.

Wy wolle gjin falske tsjûgen wêze.

Wy wolle net begoare wat ús neiste sines is.

All.: Help ús troch jo Hillige Geast om sa hillich te libjen. Amen.

FERKUNDIGING

Gebed. Bernetsjinst. Témalêzing.

(Ynsameling fan tank- en foarbedebriefkes)

Skriftlêzingen, Lieten. By de lêste lêzing:

F: Dit is it Wurd fan de Hear. Loovje God.

Gem: **Wy loovje God. Hallelujah.**

Ferkundiging, al dan net ynteraktyf.

ÚS ANTWARD

Antwardliet.

Leauwensbelidenis: F: Wy binne as Gemeente op dit plak net de iennichste Gemeente fan Jezus Kristus.

Yn it ferline ha de Gemeenten meiïnoar yn Konsilyl

trije algemiene belidenissen opsteld. Mei hiel de

Gemeente fan Kristus op ierde stimme wy dêr mei

yn, hjoed mei de wurden fan de Belidenis fan

Nicéa/Apostolikum/Athanasius.

Liet.

(FIERING DOOP, BELIDENIS, HILLICH NACHTMIEL, HOULIK:

Bibelwurden foar it Nachtmiel. F: jout skaal en beker oan âlderling en diaken. Âlderling of diaken sprekt tanksizzend gebed oer de bôle. Idem oer de beker. Tidens de fiering kinne leden mei de foargonger persoanlik bychtsje en bidde.)

TANKBEDEN:

(Foarlêzing fan ynsammele tank- en foarbedebriefkes)

Tank-, foarbeden, stille beden, Ús Heit:

Ús Heit yn 'e himel,

Lit jo namme hillige wurde;

lit jo Keninkryk komme;

lit jo wil barre,

lykas yn 'e himel, sa ek op 'e ierde.

Jou ús hjoed ús deistich brea

en ferjou ús ús skulden,

lykas ek wy se ús skuldners ferjouwe,

en bring ús net yn fersiking,

mar ferlos ús fan 'e kweade.

Want Jowes is it Keninkryk

en de krêft en de hearlikheid

oant yn ivichheid. Amen.

Ôfskiedswurden oan ferhúzjenden, ôfswaai-ende meiwurkers, bysûndere gasten.; persoan-like segening.

Ynsamelingen. Liet.

F: Seine. Gem: **Amen.**

By útgean: in liet of muzyk.

N.B.: Wurden fan oanropping, bemoediging, groet en oare steane yn oare dielen fan de Hânsume Help.

GONG TROCH DE TSJINST – 3

luthersk:

Tarieding:

Wurkgroepen, koster, bidgroep.

Konsistoarjewurk.

Muzyk. Liet foar de tsjinst.

Yntocht. Kears wurdt oanstutsen.

Ôfkundigingen.

Yntochts-/Begjinpsalm. Fredewinskje.

OANROPPING

F: (Wy komme hjir) yn de namme fan de Heit en de Soan en de Hillige Geast.

Gem: **Amen.**

F: Ús help is yn de namme fan de Ivige,

Gem: **dy't himel en ierde makke hat.**

F: Hear, ferjou ús wat wy misdien ha,

Gem: **en lit ús wer yn frede libje. Amen.**

ANTIFOAN foar dizze snein: Psalm.

F: KYRIË: Hear, ûntfermje Jo; Kristus, ûntfermje Jo; Hear, ûntfermje Jo.

Gem: GLORIA: **Eare oan God yn de hichte.**

Of: in grut Glorialiet.

GROET: F: De Hear wês mei jim.

Gem: En Hy wês ek mei jo.

(Oanhearren/Oannimmen fan it Leafdegebod:

F: De Hear sei: Jim sille de Heare, jim God, leafhawwe mei hiel jim hert, mei hiel jim siel, mei hiel jim krêft en mei hiel jim ferstân.

Dat is it earste en it grutte gebod.

It twadde, dêroan allyk is: Jim sille jim neiste leafhawwe as jimsels. Oan dy twa geboaden hinget de hiele Wet en de Profeten. Gem: **Amen.**

Liet fan lof.)

FERKUNDIGING

Gebed. Bernetsjinst. Témalêzing.

(Ynsameling fan tank- en foarbedebriefkes)

Skriftlêzingen:

Earste lêzing: Âlde Testamint; sjonge: Psalm.

Twadde Skriftlêzing: Epistel. F: Hallelujah; Gem: **Hallelujah Hallelujah (Amen).**

Tredde Skriftlêzing: elk giet stean;

sjonge: Liet fan de snein; lêzing Evangeelje.

F: Dit is it Wurd fan de Hear.

Gem: **Lof oan Jo, Hear Jezus.**

Gemeente giet sitten. Ferkundiging, al dan net

ynteraktyf.

ÚS ANTWARD:

Antwardliet.

BELIDE mei de hiele Tsjerke op ierde: Leauwensbelidenis. Liet.

TSJINST FAN DE GEBEDEN:

(Foarlêzing fan ynsammele tank- en foarbedebriefkes)

Tank-, foarbeden, stille beden, Ús Heit:

Ús Heit yn 'e himel,

Lit jo namme hillige wurde;

lit jo Keninkryk komme;

lit jo wil barre,

lykas yn 'e himel, sa ek op 'e ierde.

Jou ús hjoed ús deistich brea

en ferjou ús ús skulden,

lykas ek wy se ús skuldners ferjouwe,

en bring ús net yn fersiking,

mar ferlos ús fan 'e kweade.

Want Jowes is it Keninkryk

en de krêft en de hearlikheid

oant yn ivichheid. Amen.

(FIERING HILLICH NACHTMIEL, DOOP, BELIDENIS, HOULIK:

Foarbyld fan in Tafelgebed stiet yn Hânsume Help, diel "Doop, Belidenis, Nachtmiel")

(Ôfskiedswurden oan ferhúzjenden, ôfswaaiende meiwurkers, bysûndere gasten)

Ynsamelingen. Liet.

F: Seine. Gem: **Amen.**

Of: Gem: sjonge:

Meitsje_ús trou yn 't striden, moedich yn 't beliden: "Jezus Kristus is ús Hear."

Amen, God, jo namme_de ear'!

N.B.: Wurden fan oanropping, bemoediging, groet, Wet, skuldbelidenis, ferjouwing, fernijde tawijing, belidenis fan it leauwen en de gebeden steane yn oare dielen fan de Hânsume Help.

GONG TROCH DE TSJINST – 4

oekumenysk:

Tarieding:

Wurkgroepen, kosten, bidgroep.

Konsistoarjewurk.

Muzyk. Liet foar de tsjinst.

Yntocht. Kears wurdt oanstutsen.

Ôfkundigingen.

Yntochts-/Begjinspsalm. (Hân yn hân, fredewinskje)

OANROPPING

F: (Wy komme hjir) yn de namme fan de Heit en de Soan en de Hillige Geast.

Gem: **Amen**.

F: Hear, ferjou ús wat wy misdien ha,

Gem: **en lit ús wer yn frede libje. Amen.**

ANTIFOAN foar dizze snein: Psalm.

F: Oanroppingsbede. Stil gebed.

F: Ús help is yn de namme fan de Ivige,

Gem: **dy't himel en ierde makke hat.**

Gem: **Amen**.

F: Genede mei jimme wêze en frede fan God, ús Heit, en fan Jezus Kristus, ús Hear, yn de mienskip fan de Hillige Geast. Gem: **Amen**.

All: Lyts Gloria:

Eare oan de Heit en de Soan

en de Hillige Geast,

lykas it yn 't begjin wie, no en jimmer

en fan ivichheid oant ivichheid. Amen.

Sjonge: Liet fan de oanwêzichheid fan God.

Tankbeden troch (trije) oanwêzigen.

F: Oanslutende Bibeltekst.

Tsjûgenissen fan (trije) oanwêzigen.

OANBIDDINGSTJINST

Koarte ynlieding troch de sanglieder by it téma fan de oanbidding fan dizze snein. Sjonge: (fiif) lieten.

In ûnderdiel fan de sjongtsjinst kin wêze: songen skuldbelidenis, ferjouwingsliet, tankliet, liet fan fernijde tawijing oan God, lofliet om Gods Wetten.

KYRIË: F: Hear, ûntfermje Jo; Kristus,

ûntfermje Jo; Hear, ûntfermje Jo.

GLORIA: Gem: **Eare oan God yn de hichte.**

GROET: F: De Hear wês mei jim.

Gem: En mei jo geast.

(Oanhearren/Oannimmen

fan it Leafdegebod:

F: De Hear sei: Jim sille de Heare, jim God,

leafhawwe mei hiel jim hert, mei hiel jim siel, mei hiel jim krêft en mei hiel jim ferstân. Dat is it earste en it grutte gebod. It twadde, dêroan allyk is: Jim sille jim neiste leafhawwe as jimsels. Oan dy twa geboaden hinget de hiele Wet en de Profeten. Gem: **Amen**.

Liet fan lof)

FERKUNDIGING

Gebed. Bernetsjinst. Témalêzing.

(Ynsameling fan tank- en foarbedebriefkes)

Skriftlêzingen:

Earste lêzing: Âlde Testamint; sjonge: Psalm.

Twadde Skriftlêzing: Epistel. F: Hallelujah; Gem:

Hallelujah Hallelujah (Amen).

Tredde Skriftlêzing: elk giet stean;

sjonge: Liet fan de snein; lêzing Evangeelje.

F: Dit wie it Wurd fan de Hear.

Gem: **Lof oan Jo, Hear Jezus.**

Gemeente giet sitten.

Ferkundiging, al dan net ynteraktyf.

ÚS ANTWARD

Antwardliet.

Leauwensbelidenis (Nicéa). Liet.

TSJINST FAN DE GEBEDEN:

(Foarlêzing fan ynsammele tank- en foarbedebriefkes)

Tank-, foarbeden, stille beden, Ús Heit:

Ús Heit yn 'e himel,

Lit jo namme hillige wurde;

lit jo Keninkryk komme;

lit jo wil barre,

lykas yn 'e himel, sa ek op 'e ierde.

Jou ús hjoed ús deistich brea

en ferjou ús ús skulden,

lykas ek wy se ús skuldners ferjouwwe,

en bring ús net yn fersiking,

mar ferlos ús fan 'e kweade.

Want Jowes is it Keninkryk

en de krêft en de hearlikheid

oant yn ivichheid. Amen.

Tankwurd oan meiwurkers en oanwêzigen.

Ynsamelingen. Liet.

F: Seine. Gem: **Amen**.

N.B.: Wurden fan oanropping, bemoediging, groet, Wet, skuldbelidenis, ferjouwwing, fernijde tawijing, belidenis fan it leauwen en de gebeden steane yn oare dielen fan de Hânsume Help.

BYLAGEN

(1 - 3)

BYLAGE 1

BELIEDSPLAN

FOAR IT OPRJOCHTSJEN FAN IN SELSSTANNIGE GEMEENTE YN IN GEMEENTE OF MIENSKIP,

DY'T BÛTEN IN TSJERKEFERBÂN STIET.

(IN MIENSKIP OF GEMEENTE, DY'T NET BY IN TSJERKEFERBÂN OANSLUTEN IS)

1. Selsstannige Mienskip of Gemeente kin Memmegemeente wurde.

It is nuttich om earst de earste haadstikken fan de HHelp troch te sneupen (benammen de "Motivaasjemetoaden" en "Profyl" en "Struktuer")!

- a. As in Mienskip of Gemeente in pluriforme identiteit hat, is men der wis fan, dat in grut oantal leden sykje sille om in nije Gemeente mei in eigen identiteit of profyl. Ek kin in Mienskip of Gemeente fan identiteit feroarje en dêrtroch oanlieding jaan ta it kweken fan nije Gemeenten: dochter-, suster-, adopsje- of selsstannige Gemeenten.
- b. Nije Gemeenten ferbine har om ek sels wer Memmegemeenten te wurden. Se stelle dus daliks elk in eigen taakgroep foar de foarming en begelieding fan nije Gemeenten yn.
- c. As sa'n "Plus-Gemeente" net binnen fjouwer jier yn steat west hat om in enkête te hâlden (sjoch by Beliedsplan-A), kin de tsjerkeried mei de Gemeentegearkomste oerlizze om de status fan Plusgemeente los te litten of in nije termyn fan twa jier oan te gean.
- d. As der twa of mear Plusgemeenten yn itselde ressort binne, sille dy ien loop jiers meiïnoar in publisearre earetsjinst belizze mei sosjaal kofjedrinken dêrnei, mei alle oanwêzigen, ûnder wa ek persoanen en organisaasjes fan bûten de Tsjerke, dy't belangstelling toand ha en útnoege binne. Dêr wurde dan gjin besluten naam. Yn gewoane gearkomsten kinne besluten naam wurde neffens deselde regels as yn in Memmegemeente.

2. De foarming fan in Kritefergearing.

- a. Op dy manier kin in Memmegemeente in Krite-Fergearing ta stân bringe mei help fan har dochter-, suster-, adopsje- en oare nije Gemeenten. (In krite is in lyts, oersichtlik gebiet.) Yn dat gremium kin dan besluten wurde, de nije Gemeenten in selsstannige posysje te jaan binnen it nije Tsjerkeferbân.
- b. De Kritefergearing sil op syn minst fjouwer lopen jiers gearkomste hâlde. Dêr sille alle Gemeenten foar útnoege wurde om in oantal amtsdraggers te stjoeren – lytse Gemeenten likefolle as grutte –, dy't stimrjocht krije. Ek sille alle Gemeenteleden út it ressort fan de Kritefergearing der by wêze meie en se sille foar bysûndere oangelegenheden as adviseurs rieplachte wurde. Kritefergearingen sille dus út net folle Gemeenten bestean; wierskynlik fiif op syn heechst.
- c. Elke Kritefergearing ferbynt harsels om in Pluskritefergearing te wurden en stelt dêrta daliks in taakgroep foar de foarming en begelieding fan nije kriteren yn.
- d. As der twa of mear Pluskriteren yn itselde ressort binne, sille dy ien loop jiers meiïnoar in publisearre earetsjinst belizze mei sosjaal kofjedrinken dêrnei mei alle oanwêzigen, ûnder wa ek persoanen en organisaasjes fan bûten de Tsjerke, dy't belangstelling toand ha en útnoege binne; dêr wurde dan gjin besluten naam. Yn gewoane gearkomsten kinne besluten naam

wurde neffens deselde regels as yn in Memmegemeente.

3. De foarming fan in Geafergearing.

a. De Kritetaakgroep foar de foarming en begelieding fan nije kriterien sil binnen in moanne in beliedsplan foarlizze oan in ekstra gearkomste fan de Kritefergearing. Binnen in jier nei de yntsjinning fan it foarstel sil it lêste stappeplan yn in gearkomste besprutsen wurde.

Sa kin in Memmekrite in Gea-Fergearing ta stân bringe. (In gea is in grutter en minder oersichtlik gebiet, lytser as in provinsje; der sille in fiiftal kriterien by oansluten wêze kinne)

b. In Geafergearing ferbynt har om in Plusgeafergearing te wurden en stelt dêrta daliks in Gea-taakgroep yn foar de foarming en begelieding fan nije Plusgeaën.

Dy Geataakgroep sil binnen in moanne in beliedsplan foarlizze oan in ekstra gearkomste fan de Geafergearing. Binnen in jier nei de yntsjinning fan it foarstel sil it lêste stappeplan yn in ekstra gearkomste besprutsen wurde.

c. In Plusgeafergearing sil ... ensafoarhinne, neffens goed ynsjoch ûnder gebed ta de Heare om syn miening en lieding.

BYLAGE 2

EARSTE LEDELIST FAN DE NIJE GEMEENTE X TE Y:

Mentoaren, leden fan 'e Memmegemeente, foar it earste jier:
in diaken, pastoraal âlderling, jeugdâlderling, âlderling-rintmaster; boekhâlder,
dûmny/konsulint (,kontaktpersoan mei regionaal ferbân).

De nammen: ...

.....

.....

Tsjerkeriedsleden fan de nije Gemeente:

In oantal diakenen, pastoraal-âlderlingen, âlderlingen-rintmasters, in jeugdâlderling; in nij
beroppen dûmny, mooglik dy fan 'e Memmegemeente. Sittingsterminen fêststelle.

De nammen: ...

.....

.....

Namme fan 'e boekhâlder:

.....

Oare earste leden:

Earste leden fan 'e Taakgroep foar koördinaasje fan it Gemeentewurk: ...

Earste leden fan 'e Taakgroep foar de oprjochting en begelieding fan nije Gemeenten: ...

Earste leden fan 'e kommisje foar de werving fan nije (gast)leden en tsjerkefreonen: ...

Earste leden fan 'e wurkgroep foar kontakten mei boargerlike ynstellingen: ...

Earste leden fan 'e Taakgroep foar de Gebedsgroepen: ...

Earste leden fan 'e earste gebedsgroep: ...

Earste leden fan 'e Taakgroep foar de Stúdzjegroepen: ...

Earste leden fan 'e earste stúdzjegroep: ...

Earste leden fan 'e fûnsewervingswurkgroep: ...

Earste doopleden: ...

Earste opdroegen leden: ...

Earste belidende leden: ...

Earste gastleden: ...

Earste tsjerkefreonen: ...

Earste bûtentsjerklike bidders: ...

Earste bûtentsjerklike stipers: ..

Earste brede Gemeentegearkomste (mei taspraakje fan Memmegemeente (en Klassis)): ...

Earste eigen Earetsjinst (befêstiging amtsdraggers troch Memmegemeente (of Klassis)): ...

Earste mienskiplike Earetsjinst fan Memmegemeente en nije gemeenten: ...

BYLAGE 3

SELSPRESINTAASJE

FOARSTELLING FAN DE NIJE GEMEENTE

Har leauwe, Gemeenteprofyl, Identiteit; kalvinistysk model

(Dizze selsfoarstelling fan de (nije) Gemeente kin yn Gemeentegearkomsten en yn earetsjinsten plakfine)

(Lektoaren wikselje inoar ôf. It binne F/L/Ald/Rm/Diak/Gem, mei responsen fan All:

Foargonger/Liturch/Âlderling/Rintmaster/Diaken/Gemeentelid; All = Allegearre. De Foargonger set yn, dêrnei komme de liturch, in âlderling en oaren.

De liturch is lid fan de liturgykommisje en hat de lêste redaksje fan de selspresintaasje opsteld neffens syn liturgysk ynsjoch; dy kin dus ôfwike fan it model, dat hjirûnder stiet)

In model:

F: Ik fersykje de Gemeente, ynlik de neifolgjende ferklearring oan tehearren; betsjûgingen fan ynstimming binne wolkom.

Want wy wolle as (nije) Gemeente iepenlik útsprekke, wat ús bân mei ús Hear – Jezus fan Nazaret – is. Wy wolle Gemeente neffens syn Wurd wêze en ûnder syn tasjende eagen libje. Leden fan de tsjerkeried en fan de liturgykommisje en inkelde oare Gemeenteliden hawwe dizze ferklearring opsteld en sille om bar dizze ferklearring foarlêze. Lit ús as Gemeente meiïnoar de wurden sizze, dy't fetprinte binne.

Sille we lykwols begjinne mei steande in lofliet te sjongen: Psalm/Sang/Liet

De Gemeente mei wer sitte. We sizze meiïnoar yn wikselpraak it neifolgjende:

L.: Wy allegearre binne oan de Messias Jezus ferbûn troch syn grutte offer, syn Wurd en syn Geast. Lit ús God tankje.

All.: Wy tankje God foar syn leafde, dy't Er ús fernimme litten hat troch syn Hillige Geast yn ús en yn dizze Gemeente. Syn leafde ha wy kennen leard troch it wurk fan Jezus Kristus. Troch syn offer hat Jezus ús frijkocht fan de tsjinst oan de kweade. We binne roppen om út it tsjuster nei syn ljocht te kommen, ús sûnden te bestriden en gerjochtichheid te dwaan. Syn leafde wolle we no meiïnoar belibje en trochjaan.

Ald.: Mei alle Kristenen yn dit plak en rûnom binne we syn Gemeente – syn "Ekklêsia" –, dat is syn folk, út it tsjuster weiropen, ta in ljochtpunt steld yn in tsjustere wrâld. Hy hat ús ta syn eigendom makke.

All.: Troch syn offer hat Jezus elk fan ús ta syn persoanlik eigendom makke.

Troch syn Geast hat Er ús meiïnoar ta ien grut persoanlik besit makke en dat wolle we foar Him ek mei leafde wêze.

Rm.: Hy is ús Kyrios, ús Hear, en Hy hat ús te wurk steld yn dit plak en yn 'e wide wrâld. Dat wie al tefoaren bepaald troch syn Heit, dy't earst Israel ta syn folk makke hat en fan Israel út syn boadskip rûnom ferkundigje litten hat.

(* "Kyrios" kin men útsprekke as "Kuerios", yn moderner Gryksk is it "Kierios")

All.: Hy is troch Gods profeten yn Israel oankundige. Hy is der troch de ynset fan syn libben Boarch foar, dat wy ús skulden by syn Heit kwytreitsje en freget no allinnich mar ús folle fertrouwen en in tankber libben.

Diak.: Troch syn offer hat syn Heit ús ta syn bern oannommen, en ta broers en susters fan syn Soan makke. Fan dy Heit ûnderfine we al yn dizze wrâld de leafde.

All.: Jezus is de Ferlosser foar Israel en foar ús folk en foar alle folken; dat fertrouwen hawe wy krige en dat wolle we tankber útdrage.

Gem: As Gemeente yn yn 'e wrâld libje we yn it ferbûn fan Gods genede, dat fêstige is op it bloed fan it smetteleas Laam. Dat ferbûn wurdt oan ús bekrêftige troch de doop, dat is besprinkeling, bejitting of dompeling mei of yn wetter as symboal fan dat bloed.

All.: Syn Heit nimt ús dêrom oan ta syn bern; Hy Sels reiniget ús fan ús ûngerjochtichheden; syn Geast fernijt ús libben as wiene we nije skepsels, oanlein op gerjochtichheid en hillichheid.

F: Dat binne de beloften fan de trijeiene God, by it bad fan 'e werberte.
We erkenne dy God as de Allerheechste en syn beloften achtsje we betrouber.
° Lit ús sjonge: Psalm/Sang/Liet; bygelyks Psalm 32; Sang 109 of 258.

All.: Yn opdracht fan Jezus wolle we oan alle skepsels it Evangeelje fernimme litte, mar ek wolle we alle naasjes, folken, stammen en talen berikke mei it berjocht, dat God fan minsken hâldt en ha wol, dat se neier ta Him komme sille.

L.: Hy wol behelle wurde yn it deistige libben fan ynindividu en mienskip, yn ús krite en yn 'e wide wrâld. Sadat de folken komme ta in hertlik belibjen fan syn Evangeelje, ta it dwaan fan syn wil yn 'e maatskippij en ta in ynlike mienskip mei de krusige en opstiene Kening. By de ferkundiging fan syn Evangeelje wurket Er mei syn Geast, mar net sûnder ús gebed. Dêrom bidde we de Heare:

**All.: "Hear en Kening,
Set Josels yn, lykas Jo Josels ynset hawwe yn Israel, om de naasjes en har regearders te berikken. Ússels jouwe we yn de tsjinst, dêr't Jo ús ta roppe. Wysels wolle dwaan, wat wy dwaan kinne, mar we smeeke Jo: Bewurkje Jo dan de herten fan ús folk, fan alle folken en har oerheden, en iepenje dy herten. Lit harren jo keningskip en jo rjochten erkenne en dy nei komme. Amen."**

Ald.: Mar om mei de nije leauwigen ien te wêzen ha wy ek ússels te stellen ûnder de ynwurking fan Gods Wurd, de wet en de profeten fan it Earste of Âlde Testamint en de Evangeeljeboeken en brieven fan it Twadde of Nije Testamint.

All.: We sprekke foar God en foar de minsken ús leauwen út, dat alle boeken fan Gods profeten en apostelen yn Israel ynjûn binne troch de Geast fan de Ivice, en sammele en bûn binne ta it iene boek, dat we yn it hert drage en leafhawwe.

Rm.: De boeken fan it Nije Testamint brûke we om ús leauwe op te bouwen; dy fan it Âlde Testamint om te sjen, hoe't God nei de komst fan de Messias tawurke hat yn Israel. Mei Israel hâlde we mienskip as it folk, dat by in ûnminsklik swiere wrakseling om in feilich bestean troch in wûnderlike soarch fan God en syn Geast bestean bliuwt oant de twadde komst fan de Messias Jezus. Fan alle Gemeenten, dy't Jezus as de Messias belide – Joadsk, Arabysk, of oarsearne yn de wide wrâld – wolle we de identiteit respektarje. We wolle mei harren as bern fan deselde God omgean, sûnder har te twingjen ta ien organisaasje.
° Lit ús sjonge: Psalm/Sang/Liet

Diak.: Gemeente,

Ta elk fan ús *persoanlik* komt de fraach: Leau *ik*, dat de Hillige Skrift de wiere en folsleine wei nei it behâld wiist ? Wol *ik* yn 'e rige stean mei Gods tsjûgen, dy't dy wierheid mei har belidenissen útsprutsen en mei har libben beliden hawwe ? Haw *ik* foar Jezus it lijen oer ? Akseptearje *ik* it lijen om it Wurd fan God en om it tsjûgenis fan Jezus ?

All.: Yn de Bibel wurde we gewaar, Wa't God is, de Ivige en Allerheechste, en syn heil is it lijen op de smelle wei wurdich.

Gem.: Ek ta ús meiïnoar as *Gemeente* komt de fraach:

Wolle we ek as *Gemeente* yn 'e rige stean mei al dy Gemeenten yn 'e wide wrâld, dy't dat leauwe beliden hawwe ? En dy't dêr iepenlik foar útkommen binne yn har skreaune belidenissen, algemien yn de oekumenyske en bysûnder yn de Reformatoaryske uteringen (Luthersk en Kalvinistysk) ?

Apostoalikum, Nicénum en Athanasius de oekumenyske; de Heidelberger, Belgica en Dordrecht de Kalvinistyske ?

All.: It giet ús om it Wurd fan God en it tsjûgenis fan Jezus. Dêrom wolle we yn dy rige stean en leare fan de belidenissen fan de oekumene en de Reformaasje.

We freegje Gods bystân yn de muoiten, dy't dêr út foartkomme kinne by ferfolgingen.

Gem.: ° Lit ús sjonge: Psalm/Sang/Liet Byg. Sang 330, 399:1, 281:1,2.

F.: As *Gemeente* yn dit plak en yn dizze tiid sprekke we mienskiplik mei de belidenissen fan de oekumene en de Reformaasje de neifolgjende bekentenissen:

Ús ivige libben komt net út ússels, mar allinnich út de dea en opstanning fan ús Rêder, Jezus Messias, dy't troch syn Heit nei ús ta stjoerd is.

We wolle syn Heit, de God fan Abraham, Izaäk en Jakob leafhawwe en tsjinje, ús libben lang. We wolle ússels altyd bewust ûnder Him stelle.

We geane om Him de striid oan tsjin de duvel en de sûnde yn ús eigen fleis. We wolle fjochtsje en winne yn de krêft fan syn Geast.

We wolle mei syn *Gemeente* it heil fiere en syn Wurd meinimme yn 'e wrâld. We wolle bouwe oan groeiende mienskippen om it krús fan Golgota hinne.

F.: ° Lit ús sjonge: Psalm/Sang/Liet Bygelyks Sang 399:1,2,3.

L.: Lit ús bidde:

Ús Heit yn 'e himel,

We ha ús besind op wat we binne foar jo eagen en wat ús oan Jo bynt.

We steane op ien line mei alle sûnders yn 'e wrâld, jo fernielde skeppingswurk. Jo ha de wrâld noch leaf, ek al is se in boarne fan kwea wurden. Wat wiene we fier wei !

We bekenne as mienskip ús sûnden fan alle dei en fan ús karakters oan Jo.

Ferjou se ús. Troch jo genede om Jezus' wille meie we leauwe, dat Jo se ús ferjûn hawwe.

As geheim fan ús leauwe erkenne we it wûnderlike geheim fan jo leafde:

Jo hawwe ús út ús sûnden weiroppen en ferlost.

All.: Jo ha ús reinlge troch it bloed fan jo Soan.

Jo ha ús troch jo Geast hillige ta tsjinst oan Jo yn dizze wrâld.

Jo wolle ús oefenje ta de ivige lof yn jo kommende Keninkryk.

Ald.: Ús Heit,

We ha ús besind op wat we binne yn ´e line fan de âlde Tsjerke, dy´t hieltyd wer fernijd en oanfolle wurdt troch de ferkundiging fan jo Wurd en de wurking fan de Geast yn alle lannen. Troch safolle ferkundigers binne der wol safolle foarmen fan beliden en belibjen kommen, dat we ús soms frjemd fiele by al dy ferskynselen.

Mar wat wy hjir yn dit plak en yn dizze tiid as Gemeente wêze wolle, dat ha wy foar Jo en foar de minsken útsprutsen, tusken al jo Gemeenten om ús hinne, dy´t it oars dogge as wy.

All.: Nim al it ferkearde út ús en út dizze Gemeente wei en ferjou it ús. Segenje al it goede, dat Jo yn ús brocht hawwe en yn dizze Gemeente. Fersterkje it. Ferbetterje ús troch jo Geast en Wurd. Ús wurden binne feilber, mar jo Wurd is fêst. Nim en hâld ús yn jo hoede.

Rm.: Heit yn ´e himel,

Wês mei alle oare Gemeenten yn ´e omkriten en yn ´e wide wrâld, dy´t jo namme leafhawwe en jo Wurd ferkundigje, ek dy´t it oars dogge as wy.

Lied alle amtsdragers en oare liederen troch jo Geast.

Wês ek mei de oerheden fan dizze boargerlike Gemeente, fan dizze provinsje mei har bysûndere taal, fan dizze naasje mei har folken. Lied ek de oerheden fan alle oare naasjes en fan ´e ferbannen, dy´t ynternasjonaal foarme wurde. Hilligje har tongen en talen oan jo lof.

All.: Wy beseffe, dat Jo de Ivige binne, oan Wa´t alle eare takomt.

Jo binne de Allerheechste, dy´t mei jo Soan en jo Hillige Geast libbet en regearet yn ivichheid. Amen.

L.: °Lit ús no (steande) sjonge: Psalm/Sang/Liet Byg. Sang 399:4,5,6.

Dit wurkboek is in konsept. It is foar hiel wat wizigingen fetber.

Omstannichheden binne oeral oars.

Oare tiden freegje om in oare opstelling.


Ek binnen deselde tiid en omstannichheden kinne alternativen nedich wêze.

Der kinne steurende typ- en tinkfouten yn it boek stean.

Foar it brûken fan dit wurkboek is men gjin auteursrjochten skuldich.

Wol sil de auteur graach berjocht krije fan minsken, dy't der mei wurke ha. Alternativen en suggestjes binne wolkom.

Adressen: sjoch foaryn.



It diel "Mear Gemeenten" fan dit Wurkboek is oant in bepaalde hichte te tankjen oan in beslút fan de Griffmearde Synoaden yn de jierren 1970 oangeande pros- en paraparochys as dochterfêstiging fan Gemeenten, en de foarming fan studinte- en tehús Gemeenten, jongereintsjerken en de trochgeande besinning dêrop.

Yn in lettere fase fan it skriuwen fan dit boek ha de publikaasjes fan de Evangelyske Wurkmienskip yn de Protestantske Tsjerke yn Nederlân in grutte stimulâns west om dit boek ôf te meitsjen.

Hânsume Help is groeid út fragen fan kursisten fan ir. Jan Postma te Ljouwert, kursuslieder fan de Algemiene Fryske Ûnderrjocht Kommisje foar Net-Frysktalige dûmnys oant 2003. Foar har gemak binne alle presintaasje- en ferbiningsformules folslein útskreaun.

De earste bondeling derfan is útjûn by syn tsienjierrich jubiléum as Afûk-dosint, 24 april 1996.

Jo hawwe no de bondel fan febrewaris 2012.